

1901–1951

50

-JIERRICH BISTEAN

FAN IT

KOÖPERATYF SUVELFABRYK

«HOOP OP ZEGEN»

Versie 2011-06-24

1901–1951

Fyftich-jierrich bistean

fan it

Koöperatyf
Suvelfabryk

«HOOP OP ZEGEN»

TO HEECH

Doe't it
koöperatyf suvellabryk
«Hoop op Zegen»
in heale ieu
bistien hie
wie it feest to Heech
en omkriten

*Fêst bitrouwen, stipe, hope,
Rynske seine waerd hjir jown.
Neat kin mear de iendracht slope
Hwat troch koöperaesje boun.*

*Sjoch, hoe't hjoed de flaggen waeije
Oer de mar en it greideromt',
Dêr't de weagen it boat omaeije,
Dêr't men fan fé en suvel romt.*

*Lit dêrom in feestliet klinke,
Ienriedich, fleurich, meiïnoar,
De Koöperaesje hjoed bitinke.
Foar én mei en byelkoar.*





Doe't it fabryk fyftich jier bistie, waerden direkteur en bistjûr danich yn 'e blomkes set
f.l.n.r.: G. Muurling, dir., P. Hylkema, P. P. de Haan, B. v. d. Meer, Joors., S. Brandsma, J. H. Witteveen, skr., B. I. cyclama à Nijholt, A. A. Osinga

Doe't it tij forroun

De foarste helte fan de foarige ieu wie in tiid fan forljochting, fan foarútgong en fornijing, fan útfiningen en de tapassing dêrfan op aloan greater mêd.

De jierren sa fan 1850 oant '70 en ek dêrnei ûnderfounen fan dat alles de woldiedige ynfloed en lieten in agrarysk lân as uzes dêrfan mei-profetearje, ek al foroare der op de buorkerij op him sels neat.


It lân lei der op ekonomysk, mar ek op maetskiplik gebiet oars hinne as dat hjoed de dei it gefal is en der soe yn Fryslân noch gâns barre moatte, ear't de boer de beakens forsette en troch yngeande stúdzje en ûndersiik ta nije methoaden komme soe om sadwaende doelbiwust it âlde bidriuw op in nij flak to krijen en der út to heljen hwat der út to heljen wie.

De bûter gou in goede priis. De boer hoegde him nearne drok oer to meitsjen. Der wie gjin oantrún om troch oare produksjewize of sokssahwat de opbringst fan groun of bidriuw to forheegjen.

Hwat der ek foroare yn 'e njoggentjinde ieu, it boerebidriuw, dat fan heit op soan de biwende wegen gie, bleau eins in wrâld op himsels, en skerper as hjoed de dei wie de tsjinstelling stêd-plattelân.

Mem lerde joech har fruchtbrens, sinne en wetter de groeikrêft. De boer molk syn bisten en garre de wintertarringe foar it him tabitroude fé. Hy, de boerinne en it folk dat harren bystie op 'e buorkerij makken tsiis en bûter en it wie harren ta eare, hwant hja diene it mei ynmoed. It wurk mei groun en natuer wie ta in kultus wurden. Groun en minsken. De seizoenen kamen en gongen mei lykmjittige trêd, lyk as it wurk en de libbensjierren fan de húsman. Greate opstigings kamen selden foar. O, der wiene soms de famyljeskelen, dy't slachten hingjen bleauwen, der wie ek de striid om út to blinken, om de earste en de measte to wêzen. Dat utere him op hurddraverijen, sawol om 'e gouden swipe as yn biheinder forbân op 'e merkedraverijen yn 'e lytse doarpkjes. Dêr waerden keatspartijen hâlden, dêr wie it farren en silen. Allegear kriich, hweryn de gealju elkoar founen, dat de mienskipssin bisterke. Hja stiene elkoar by mei buorreplicht.

Dy boeren en boerinnen út 'e foarste helte fan de foarige ieu, hja hiene harren kofjedrinkerijen, jounpraterijen, kreambisites, merkedagen ensfh. en it iene mei it oare joech kleur en fleur oan it boerelibben. Men fielde jin frij mids de wide fjilden ûnder de hege loftten, it wie harren wrâld en hwat der efter de kimen barde, hwat it stedfolk tocht en broude, hwat der yn 'e greate wrâld barde, rekke harren gjin grevel.



Yn 'e
masinekeamer

Wol liezen hja yn 'e lange winterjounen reisforhalen oer frjemde lannen, hwant nêst de grounsforbounens fan de boer út dy tiid, libbet yn elk minske de swalker, dy't longert nei it liere en ûnbikende. Sa wie it libben fan de boer as er de greiden en marren oereage, en yn wurk en brûkme hâldde er him by it âlde. Ieuwen en ieuwen hie it sa west.

Yn syn „Skiednis fan Fryslân” skriuwt D. Kalma :

„Yn it buorkjen sels hat by de ynset it Romeinske foarbyld greate bitsjutting hawn. Op it stik fan technyk hiene ek hjir de Germanen in bulte fan har to learen ; en har eigen ûntjowing hie har fierder-nôch brocht om sa leare to kinnen, en it bettere dat hja seagen, ta to passen op it eigene. Ek foar de komst fan de Romeinske kriichsman en kolonist hâldden de Friezen al fé, kij, hynders, geiten, skiep, hinnen ; bouden hja al de hjouwer, weet en beane ; fisken hja de wetters óf mei har rusken netten ; ek doe al forstiene hja it meitsjen fan búter en tsiis, koene hja it nut fan it bidongjen fan de groun, spounen en weven har froulju de wolle fan har skiep. Mar mei de Romeinen waard de huzebou stikken better, kaem der forbettering yn it boereark, b.g. yn de ploege, waard it flaechs ynfierd en de hiele menear fan buorkjen better op it doel birekkene. Net allinne wurden as muorre, finster, tafel, kelder, sels búter en tsiis binne oan it Latyn ûntliend. Dat seit allinne dat dy wurden nij wiene, mar hoecht net to bitsjuten dat de bigripen it ek wiene ; in Aldgermaensk wurd foar búter is yndied foun ; mar wol wiist it op in yngeande

foroaring yn de dingen, dy't mei dy bigripen oantsjut waerden.
Net earder as yn de njoggentjinde ieu, mei de ynfier fan de masines,
is der wer sa'n greate foroaring yn it buorkjen kommen. Foar de
stifting fan de fabriken wie de Fryske boer net allinne yn syn
bidriuw, mar ek yn syn wurk, de opfolger fan syn Aldgermaenske
stamfaer, lyk as dy ienris, in fyftsjinhûndert jier lyn, buorke yn en
by it sljochte Aldfryske doarp. By alles hwat foroare, godstsjinst,
steat, hannel, forkear, bleau dêryn it Fryske libben himsels allyk".

It boerelibben mids natuer en bisten spriek fan frede en rêst, fan in bistean
sûnder soarch. It die idyllysk oan, skilders waerden der fan ynspirearre,
dichters songen der fan.

Us sawntsjinde ieuske dichter Gysbert Japicx wiist sa op it bûtenlibben :

Ja, it is altyd oars, sa fier sa hein ;
Op it fjild is niget sûnder ein.
Hjir is in blom en blêd ûntsletten
Dêr is in griene leat útsketten,
Hjir draeit in ljip, dêr fljocht in dou,
Hjir rint in skiep, dêr giet in kou,
Hjir bûcht it nôt as wetter-weagen
Dêr blikkert ús in mar foar eagen.

Wis, dit hie ek foar ús tiid skreaun wêze kinnen, mar de boer út de
foarige ieu waard út syn Arkadysk isolemint helle dêr't er safolle ieuwen
yn tahâlden hie.

Doe't oare lannen in greate smite produkten op 'e wrâldmerk brochten,
hwetroch de prizen sakken, stie hjir de boer forbûke. Hy dochs hie net
yn in greatere opbringst in kompensaesje foar de legere priis.

Nou hie dat noch hinnebruije meijen, as net, doe't de dépresje kaem,
blik, dat ús boerestân troch de fette jierren yndodde wie. Men hie jin
noflik by it âlde deljown, bûten witten fan hwat der fierôf op agrarysk
mêd barde. Dêr wol gjin kwea mei sein wêze. It is in algemien minsklik
forskynsel, dat, as it foar de wyn giet, men it op de riemmen driuwe lit.
As alles sa fansels giet dan wurket dat demoralisearjend, dan giet de piid
en it murch der út ; driget lykwols de need, sjocht men it swurk driuwen,
dan set men jin to skoar, dan wurdt der aksje frege fan hân en holle om
net yn 'e striid om it bistean ûnder to gean.

It wie mar sa : de krisis fan de tachtiger jierren (efkes dêrfoar wied er al to merkbiten) kaem de trochhinne boer danich oer it mat. Mear noch dan yn 'e oare dielen fan Nederlân wie de delklap hjir yn Fryslân to fornimmen. Dêr kaem by dat men hjir mei in min hierstelsel tangele siet. Dat kaem foarhinne, doe't de waer in bêste priis opbrocht, net sa sear ta utering, mar nou't de knipe op 'e skine kaem, kamen ek de seare steden foar 't ljocht.

Pleatsen en lannen wiene wol folle yn hannen fan lju, dy't bûten Fryslân tahâldden, net it measte forstân fan lân en buorkerij hiene en allinne tochten om de rinte, dy't hja barre koene fan har yn 'e groun bilein kaptael. Men koe fan tinken wol ha dat dy lânhearren — dêr sil wol ris in útsûndering west ha — harren om de buorkerij as sadanich net bot bikroaden. Sa kin men jin ek yntinke, dat dat brek oan bilangstelling oan 'e kant fan 'e lânhearre, itjinge mûlk faken oan lytsachtinge grinzge, syn wjerslach hie op de boer, dy't út 'e aerd fan 'e saek en de doedestiids hearskjende sjenswize noch al heech by m'nhear opseach en him nei dy syn libbensskôging en -hâlding rjochte.

Sa krige men de sitewaesje, dat de Fryske boer oan 'e iene kant him frij en ûnôfhinkelik fielde mids de griene greiden, in keninkje op eigen hoarnleger, mar oan 'e oare kant net ûntkaem oan in soarte fan minderwaardichheidsfielen. Neffens it sizzen wie it nammers sa dat elk boer wêze koe, en dat sizzen waerd fan de tiden mei hege prizen wier makke. It boerewurk wie foar de dommen, it boerefrysk wie in lompe, ûnbihouwen tael, de tael fan it bûthús en de rûchskerne. De man út 'e stêd wie immen mei in rêdde tonge, immen fan menearen, dy't wist hoe it hearde, fyn ynlein wie en de domme boer wol twaris oer koe. En nou mocht in boer sizze dat er neat hawwe moast fan stêd en swêslaenderige stedlju, faken forgappe er him oan 'e skyn en seach leech del op it eigene.

Dat wie mis, dat wie forkeard, mar as men in minsk mar faek en lang genôch it ien of oare foarhâldt, him suggerearret dat it wier is, as is it dan ek de greatste healwizichheit, dan leaut er it op 't lêst wol.

Sa ûntstie it dwaze bigryp dat in jonge mei in klearre kop to goed wie foar it boerewurk en it boerehiem. Sa'n ien moast in protte skoallekennis opdwaen, en as er dan letter in wyt befke foar hie, hwat him fan de boer ûnderskaette, dan moast er sa gau mooglik it boerefrysk forleare en him de Hollânske tael of hwat der op like, oanmjitte.

Fansels, sa tochten alle boeren der net oer. Troch alle tiden hawwe der Fryske boeren west, dy't foarút seagen, dy't forgoed lyk gyngen en wisten

hwat der yn 'e wrâld om en ta gyng. Sokken wiene lid fan de „Friesche Maatschappij van Landbouw”, dy't yn 1852 oprjochte waard en dy't troch al dy jierren hinne in fornaem oanpart hawn hat yn it organisaesjelibben fan de Fryske boer. De Fr. Mij. v. Landbouw hat gâns dien foar de ûntjowing fan 'e lânbou, foar de fakkennis fan de boer en foar de omkear fan it bûter- en tsiismeitsjen.

Sûnt minskenewitten hie de Fryske bûter boppeoan stien. Mar doe — om 'e tachtiger jierren hinne — kamen der klachten. It wie net mear dat hwat it west hie. Der waard knoeid, sa waard der sein, en hoe slim dat nou wol wie, oft it lei oan 'e âlde methoaden dêr't men op 'e buorkerij oan fêsthâldde, it wie mar sa dat de Fryske bûter op 'e Londenske merk net mear munsterje koe tsjin de Deenske en Normandyske soarten. Yn 't earstoan duts de flagge de lading, mar ringen wie de delgong yn 'e priis to fornimmen. Boppedat kaem der in skerpe konkurrinsje fan de oerseeke (Australyske) bûter opsetten en gyng ek de priis fan de twadde kwaliteit nei de bidelte. Doe wie 't nacht yn 'e nane op it Fryske suvelmêd, en de lânboukrisis, dy't de boeren lang yn it ûnthâld bliuwe soe, wie in feit wurden. Stadichoan wie it sa groeid.

Yn de sawntsjinde ieu wiene Harns en Dokkum plakken mei oerseeke hannel. Dokkum waard fan de sé ôfsletten, Harns hie net mear de skipfeart fan alear.

Fryslân wie as lânbougewest tige gevoelig foar goede en kweade konjunctueren op 'e wrâldmerk. En sa koe it barre dat nei de 70er jierren, dy't greate ynkomsten opsmieten, de lânboukrisis fan '80 him mei nammers-tomear klam jilde liet.

It waard : „Earm Fryslân”.

De produksjemooglikheden foar de boer wiene biheind, hy koe net in mear-produksje foar de legere priis oerstelle, en de lânhearre, dy't net yn 'e buorkerij siet, woe rinte ha fan it kaptael dat er yn 'e groun bilein hie. It wie in neare tiid foar de boerestân, faillisseminten bleauwen net út, folle Friezen gyngen as lânforhuzers oer de wide sé nei it lân fan dream en winsken, dat harren mûlk in bistean, har bern in takomst biede koe. Mar hjir yn Fryslân, it mocht dan tsjuster lykje, woe men de moedfearren net hingje litte. De kriich wie ús folk net ûntstoarn. En lyk as sa faken yn 'e Fryske skiednis, as in fijân drige of men wrakselje moast tsjin wetterfloed, wie der mar ien remeedzje : Meiïnoar stean, allinne troch ienriedich meiïnoar oparbeidzjen koe men in forbettering bistribje en de âlde goede namme werom winne.

Doe't it tij forroun
moasten de beakens
forset wurde

Dat bigriep ek de hear J. Hepkema fan it Fean, dy't it de boeren yn syn
„Nieuw Advertentieblad” (fan 19 April 1879) op rym oansei :

De bern : Boer ! Boer ! de sûpe is sûr,
De kealtsjes waeije it lân oer.

De boer : Swij bern, de bûter is net djûr,
De wolfeart fan de Fryske boer
Dy waeit nei Denemarken oer ;
Dat makket my de holle oerstjûr
En it libben sûr.

De Lânhearre : Och, as ik mei jo kleije woe,
'k Leau dat 'k it dan mei reden koe :
Us steat is heech, de hieren leech,
Ja, Jolle-boer, elk krijt it sûr
As it giet nei beppe-kelder ta.

De Wittenskip : De kelder, just, dêr woe 'k jo ha.
Earst fiele moat jo ear't jo dwaen,
In sloppe pong kin fearkrêft jaen,
In bytsje útstel is wolris goed,
Dan stiet men foar jinsels wer noed ;
Jou molkenkelders doge net :
Foroarje dy earst sa 't biheart.
As Jolle 't beaken ek forset,
Syn wiif de bûter oars biredt,
En elk in steat nei d'ynkomst het
Dan binn' jimm' meiïnoarren rêd
En skrikke foar de Denen net. —
Ban „d'âlde sleur” mei krêft út 't lân
En jow oan my de freonehân,
Dan stean 'k jim' by mei rie en die,
En ha jim' ienkear goed de trie
To pakken, dan komt de âlde rom
Mei goud út Ingelân werom.

*Ut molke de tsüssstof
De wrongel lietet,
De tsüts yn it doelje
En dan yn it fet*



*Yn 'e
tsüismakkerij*

Dêrmei joech de hear Hepkema blyk to witten, hwer't de skoech twong. Hy hie de rop fan 'e tiid forstien en makke syn krante ta klankboarne. De Friesche Maatschappij van Landbouw furdige yn 1878 in kommisje fan trije man ôf nei Denemarken en Sweden. Men koe yn Fryslân net by 't âlde bliuwe ; men moast nei oaren sjen en it eigen forbetterje. De kommisje lei bifining en bitinken yn in wüidweidich rapport oer. It bilang fan dy reis en dat rapport kin net maklik to heech oanslein wurde. Dêrmei dochs waard de grounslach lein foar de foroaring yn 'e bûtermakkerij. Lyk as altyd makke it âlde net hommels romte foar it nije. En binammen yn dit bidriuw, dêr't men fan foarâlder op âlder it biwende paed gie, siet men lêstruske oan âlde methoade en tradysje, en hie in foaroardiel tsjin it nije en frjemde.

Yn it earstoan waard der noch net oan tocht om it bûter- en tsüismeitsjen los to weakjen fan it âlde sté, de buorkerij. By it fêststellen fan 'e temperatuer gie men op it gefoel ôf, hwat tige persoanlik en dus nuodlik wie. Oanpriizge waard it brûken fan de thermometer, de knetmasine en de Deenske methoade fan ôfkuoljen. Wol waard der fan miet ôf oan oer suvelfabriken praten, mar yn 1879, doe't de centrifuge ynfierd waard wie de tiid der ryp foar, en to Feanwâlden kaem yn dat jier it earste bûterfabryk (partikulier) ta stân. Lju, dy't de tiid forstiene, sakelju, dy't wend wiene om mei jild en mei minsken om to gean, dy't wisten dat ek op dit gebiet de earste slach in daelder wurdich wie, lieten de fûgels net oer it net fleane. Hja koften de molke fan 'e boeren en it foldie yn it earstoan fan beide kanten net sa min. Dat makke dat de boeren linken-

oan fan it âlde suvelbidriuw op 'e buorkerij ôfstân diene en it bûter- en tsiismeitsjen nei it fabryk oerhevele waerd. Mar doe't de boeren it dan út hannen jown hiene en it ark oan kant wie, hoegde de fabrikant, dy't it fanselssprekkend mear om eigen as om boerebilang to rêdden wie, net mear de uterste priis to biteljen. Hy koe fan dat oangeande wol in bytsje tuike-tuike oan. Hy wie ommers baes, en hie de boer, dy't gjin oare kant út koe en mei syn biderflik produkt, dat op 'e tiid birêdden wurde moast, yn 'e bisnijing.

It wie dus al oars mar net folle better wurden. Wie de boer foarhinne ôfhinkelik fan de keapman, nou waerd er it fan de fabrikant. Woe men wer baes wurde op eigen hoarnleger, woe men net aloan stedskyn bliuwe en op genede of ûngenede fan in oar buorkje of ûndergean, dan moast it wer oars, dan moasten de boeren meielkoar stean, dan moasten hja in eigen fabryk ha.

«DE BOER MOAST SELS DE LEIJE HA»

De tiid wie swier fan de berte fan Koöperaesje. It wie de machtsspreuk fan dy dagen. Koöperaesje soe en moast der komme en, it hat bliken dien, de forwaching fan organisaesje soe net toloarstelle. It wie it middel om de boerestân wer út it ûnleech to helpen.

It wie lykwols mei sizzen net to dwaen. Der moast jild komme, gâns jild foar dy tiid ; der moast bitrouwen wêze, ja, fral bitrouwen, bitrouwen yn 'e takomst.

Der wie konservatisme, in krampeftich fêsthâlden oan it âlde. Der wiene — en dy binne der troch alle tiden — dy't it net oandoarsten, dy't it to riskant founen. De fabrikant wie in man mei jild, mar hja, earme boeren, koene net in wan forneare. Dy't sa praetten, forgeaten dat de fabrikant syn jild ek net yn los aventuer stiek, mar blinderske goed wist hwat er úthelle. Fierder seagen sokke skrutene boeren de macht net yn fan it meiïnoar oparbeidzjen.

Mar it twifelriedich folk koe de geast fan de tiid net opkeare. Der wiene oaren, dy't it wol oandoarsten, dy't seine : hwat ien fabrikant kin, dat kinne wy meiïnoar. Dat hawwe de pioniers west. Hja wiene der to Wergea, hja wiene ek to Heech, hja wiene oeral yn it Fryske lân, en harren komt in wurd fan tank en hulde ta. Harren wurk hat fan dy sosiale en ekonomyske gefolgen west, dat men se net maklik to heech oanslaen kin. Hja

hawwe net allinne de boerestân, mar it hiele Fryske folk oan harren forplichte. Dêrom sil en mei de neiteam harren en it ûntstean fan de koöperaesje yn it ûnthâld bliuwe, dêrom is it goed by it fyftich-jierrich birstean fan elk fabryk dêr de klam op to lizzen en sa'n tiidrek yn in tinkboek fêst to lizzen, dat de jongerein it witte en op de kommende generaesje oerdrage sil. Died, bitsjutting en gefolgen bliuwe dan yn it ûnthâld biwarre, en it ûntstien fan de koöperaesje is weardich yn gouden letters yn 'e annalen fan 'e skiednis fan it Fryske folk boekstaverre to wurden.

FORJIT DAT NET

Forjit harren net,
Dy't doe de foarstap namen,
Forjit harren net
Dy't doe fanwegen kamen,
Dy't doe't de knipe op 'e skine kaem,
Rê stiene foar de greate raem.
Har wurk, har dwaen en har krewearjen,
Hwat hjir ta stân kaem, wit it to weardearjen
Har stribjen, stoer en dreech
Brocht de boerestân omheech,
Forjit dat net !

Yn 1886 waard it earste koöperative suvelfabryk yn Fryslân oprjochte. Fan Wergea bigoun de liktoarje. Yn 1887 krige Tsjommearum syn koöperaesje, yn 1888 folgen Achlum, Stiens en Jirnsum, en doe rûgele it hurd oan. Yn 1901 wiene der 126 suvelfabriken yn Fryslân, 74 dêrfan wiene op koöperative gronslach. Sawol fan de iene as fan de oare soarte stie der in fabryk to Heech.

Op 7 Maert 1901 waard de earste molke oan it koöperative suvelfabryk

„HOOP OP ZEGEN” TO HEECH

ûntfongen en ta bûter en tsiis forarbeide. En sa hat dan yn 1951 dit fabryk fyftich jier bistien.

Fyftich jier is in hiele rek. Yn in heate ieu kin der gâns barre, en op it suvelmêd is yn sa'n goed fyftich jier winlik „alles” bard. Bynei gjin yndustry kin yn dat tiidsbistek op sa'n ûntjowing werom wize as de fabrykmjittige suvelbereiding, dy't út de groun oprisde en him technysk en wittenskiplik ûntjoech, de boerestân en Fryslân ta seine wie, tûzenen hannen wurk en tûzenen mûlen brea joech, tal fan fabriken oer it Fryske lân struide en machtige toporganisaesjes yn it libben rôp, dy't de Fryske boeren en har produkten forboun mei alle einen fan 'e wrâld.

Dat wie mear as de boeren ea tinke kinnen hiene, doe't hja gearkamen om it foar harren sa greate ûndernimmen foar to birieden. Ut de need fan 'e tiid waard de koöperaasje berne. Nei fyftich jier, hweryn der faken noch noed en soarch wankte, koe men mei foldwaning tobeksjen op it ôflein paed, hie men alle reden om mei in tankber moed in toarn stil to stean by dit gouden jubileum.

Sjoch dêr in biwiis fan hwat in meiïnoar oparbeidzjen ta stân bringe kin.

De hope hie net omdôch west, dêr hie seine rêst op it ienriedich stribjen.

Foar goed fyftich jier doarme hjir it spoek om dat de boerestân bidrige. Twadracht liedt ta ûndergong. De boeren fan de Koöperaasje „Hoop op Zegen” sochten it yn iendracht, dy't sterk makket.

De fiskerman en de boer, ieuwenlang hiene hja har wurk foun yn en mei de natuer. Dat hie it lichem hurde en foarm en stâl jown, mar ek skoep dat bistan midts de wide fjilden en ûnder de hege loftten, nêst in ôfhinklikheidswitten fan it Albistjûr, in sin foar de frijdom. De drege frijheitssin, stipe troch hope op seine fan boppen, die om 1901 hinne de boeren to Heech nei it machtige wapen fan 'e koöperaasje gripen. Dat it net in mistaest west hat, dêr is it florissante fabryk oan 'e Skatting, dat de namme fan Heech op suvelgebiet heechhâldt en dat nei de easken fan de tiid yn'rjochte is, wol it bêste biwiis fan.

De boer fan Heech waard troch de minne njoggentiger jierren net del-treaun, mar wist de woltier fan it Fryske boerefolk mei to warjen troch sels de leije yn 'e hân to nimmen en to hâlden.

Né, net allegearre wiene hja foar fyftich jier daliks ré om it nije oan to gean en har foar de koöperaasje yn to setten. Inkelen wiene yn it earstoan spoeksjoggerich. Nou, nei fyftich jier is it wol sa klear as in klûntsje dat dit de wei wie.

Nei mannich gearkomste
(yn 1899 wie yn prinsipe al ta oprjochting bisletten)
koe men dizze adfortinsje
yn 'e
„Leeuwarder Courant”
lêze :

De 7de Maert 1901 wie it fabryk klear en koe de earste molke levere wurde.

It fabryk hie in stjelpmodel, sa't dat yn dy tiid in soad foarkaem. Men kin dat noch sjen oan it foarste ein — direktorswenning — oars is der net folle fan it âlde oer. Yn it boppe-ein, sa oer it hiele fabryk hinne, hie men destiids it tsiispakhús. It forfier fan molke nei en fan bûter en tsiis fan it fabryk gie meast oer wetter. De tsyskes liet men troch in lange goate fan boppen út it pakhús yn it boat rôlje, dêr't se opheind en delstâld waerden.

DOE EN NOU

To Heech der wenne in âlde Foek,
Dy mear seach as in oar ;
Dy wie ek yn 'e kaarten tûk,
Alteast der gyng se foar.

Alde Foek fan Heech is troch dr. E. Halbertsma en Piter Jelles ta in legendaryske figuer wurden, dat men jin ôffreget : hat âlde Foek yndied to Heech wenne ?

Dy frage haw ik dokter De Witte to Heech foarlein, dy't dêr sa'n foech heale ieu mastere hat. Hy hie earen ûnder syn pasjinten al in hiel âld minske hawn dy't Foek hjitte, mar hie nea oan har fornimme kinnen, oft se ek wiersizze koe, hwer't er fansels net mei sizze woe dat hja stêfêst leach.

Yn syn „Paden fan Fryslân”, diel II side 171 hellet Dr. G. A. Wumkes út it Fryske jierboekje „De Bijekoer” 1874, it folgjende oan :

„Dat (doe't âlde Foek to Heech wenne) wie yn 'e tiid doe't Murk fan Ipekolsgea feint wie, lyk as jimme lêze kinne yn de Twigen út in âlde stamme fan dokter Eeltsje Halbertsma. Dy âlde Foek hie yn har fleur folle yn 'e wrâld omswalke; hja hie by de soldaten west as marketentster, hja hie op merken reizge, dan ris mei dit en dan ris mei dat, en hja wie einliks to Heech hingjen bleaun, dêr't se in foege herberge hie. Om yn in spul kaarten to sjen hwat in minske nei jier en dei oer komme soe, dat koe se net, al mienden hopen lju fan al ; mar hja hie in skerpe gave fan opmerken ; hja hie yn har swalkjend libben de minsken by har dwaen en litten tige yn 'e kaert sjoen. Dêrtroch seach se mear as in oar en koe soms hwat sizze, dat ienfâldige minskên nuver talike”.



It pikellokael

As âlde Foek wierlik bistien hat of as se wol de geastlike dochter fan dokter Eeltsje wie — hwa sil it sizze — wy ha nea heard dat se de reekplom fan „Hoop op Zegen” foarsein hat, en hja soe grif nuver kypje as se al dy foroaringen fan it âlde Heech sjen koe.

DAT HEECH ALD IS

kin men merkbite oan itjinge Suffridi Petri fan dit doarp seit :

„Oudtijds toen de Hollandsche Graaven heerschten over Friesland, was Heeg om derzelve vermaaklijkheid als hofplaats gekozen, en werd alhier een Raadhuis gebouwd. Dit dorp zou dus een ander 's Graaven Haage geweest zijn en wegens den Frieschen tongval den naam Heeg verkreegen hebben. In oude stukken Haegh en Hogekeke”.

Yn 1402 — sa stiet der biskreaun — wie Haringh van Harinxma Potestaat fan Westergoa. Oft dy man to Heech wenne, wite wy net. Wol stiet fêst dat de aedlike stamme Van Harinxma ieuwen to Heech ta-hâldde. Hja rekken dêr sa't liket wol aerdich biwoartele, hwant hja neamden har nei it wenplak „Harinxma thoe Heech”. Yn it westen fan it doarp biwennen hja in state of stins, dy't útsicht hie op 'e Heechmer mar en yn 1808 op ôfbraek forkoft is. Yn 'e adfortinsje waard meidielddat it slot mei de dea ûntromme waard troch Jonker D. H. van Harinxma thoe Heech.

Dr. G. A. Wumkes seit yn diel I fan „Paden fan Fryslân” :

„Wie de pinne de stinsbiwenners tabitroud, net minder it swurd.
As men har stambeam neigiet, dan hat mannichien as kaptein of
kommandant foar it heitelân de striid fierd sa to lân as to sé.
In drager beide fan pinne en fan swurd wie de soan fan Douwe van
Harinxma en Machteld van Dunewoldt: Haringh, dy berne waerd
27 Augustus 1604 to Doesburch, dêr't syn heit tinkelik doetiids yn
garnizoen lei. Op de Harinxmastins to Heech skreau Jhr. Haringh
van Harinxma in opdracht (1665), hweryn hy it folgjende fers
oanhelle :

Ghelukkig is de Man, die op het Landt gaet wonen,
Veer van het Stadsgewoel, niet Amptsieck hem wil tonen,
Maer met de Peerden ploeght syn Landen en syn Goet :
En soo in vrijheydt leeft van Lichaem en Ghemoet.

„Dizze opdracht” — sa seit Dr. Wumkes — „is nammersto wich-
tiger, om't hja ús ek bringt yn de sfear fan master Gysbert syn tiid.
Jhr. Haringh van Harinxma soe de Boalsserter dichter tsjinje kinnen
ha as in type fan syn Godsfreon”.

De Fryske adel is fuorttein, foar in part útstoarn, en de sosiale tastân
hat him wizige, it leit der nou allegear hiel oars hinne as alear, mar as
de lânjonker treddehûndert jier letter libbe hie, dan hie de man, dy't
foar it boerelibben fiede, al moai wis syn stipe jown oan de koöperaesje
„Hoop op Zegen”.

Doe't der noch gjin bûterfabriken wiene, doe't de Fryske boerebûter
noch heech oanskreaun stie, wie der in drokke ielhannel op Londen.
En hwa't „iel” sei, tocht ek oan Heech, hwant dat wie it sintrum foar
dy hannel.

Oer dy ielhannel binne gâns legendaryske forhalen biwarre bleaun. Sa
wurdt der forhelle dat de Fryske ielhannel fan Keningin Elisabeth
in ivichduorjend rjocht tasein krige. De skûten mochten frij fan tol-
of havenjild to Londen oanlizze tusken Billingsgate (de greate haed-
fiskmerk en nêst de bûterkaei) en de Tower. Der moat ris in slimme
brân west ha to Londen en doe hawwe de ielskippers harren tige
ward. Dêr sil grif wol hwat fan oan west ha. It rjocht bistie tominsten,
mar dêr stie biskreaun, dat it plak dêr't de skippen oanleine, nea alhiel

leech wêze mocht, dêr moast gedurich gebrûk fan makke wurde. Men wol ha dat de ielhannel yn it begjin fan 'e trettjinde ieu al bistie tusken Fryslân en Ingelân. Mear as trije ieuwen hiene de Fryske ielaken to Londen har fêst plak. Op âlde Ingelske printen fan 1616 komme al Fryske ielskippen foar. De iel waerd libben oan 'e merke brocht (yn it bûn fan de ielaken meiferd). Letter, doe't it wetter fan 'e Theems tige smoarch waerd, brûkte men tanks op de motorboaten.

De iel waerd út alle dielen fan ús lân en ek sels út Denemarken helle. It joech gâns drokte en fordivedaesje to Heech, en der siet foar mannichien in stik brea yn. Der wie in mêstmakkerij, twa skûtmakkerijen, in seilmakkerij, in oaljeslagerij, ensfh.

Stadichoan kaem dat allegearre yn it neirinnen. Yn 1939 is men weibleaun en it âld rjocht fan de Friezen forfallen. It iene makket wer plak foar it oare.

Nou wie it dan lyftich jier forlyn dat it

KOÖPERATIVE SUVELFABRYK „HOOP OP ZEGEN”

to Heech oprjochte waerd. En it is goed by dizze mylpeal stil to stean, it hear ris oer to eagen en it doe en nou meielkoar to forgelykjen. Doe siet de boer yn 'e lytse loege. De boer moast út syn isolemint. In nije foarm, in nije mienskip wie op kommende wei. De nije tiid kaem foar de boer en hy mocht net binefter bliuwe. Doe't it bûter- en tsiismeitsjen op 'e buorkerij syn tiid hawn hie, hie de boer kar út twa : hy koe syn molke nei it partekelier bidriuw stjûre of hy koe sels baes bliuwe en it nije aventuer yn koöperatyf forbân oangean. It earste wie de wei fan de minste wjerstân en foar de Heechmer boeren geryflik: de gelegenheit wie der. Men moast lykwols witte hwat men die, en yn it ûnthâld fan folle boeren libbe noch de tiid dat hja mei har produkt oan 'e keapman oerlevere wiene. Dat hie min smakke, en hoewol in eigen koöperaesje in ûndernimmen wie dat der net om lûgde, namen in stikmannich boeren, dy't fierder seagen as de dei fan hjoed, de foarstap. Hja wiene oertsjûge dat de boerestân it net duorjend oprêdde soe as de boeren it op 'e riemmen driuwe lieten en eigen saek net yn eigen hannen namen. Yn ienriedigens soene hja sterk stean. By dizze pioniers stie it net yn kiif of yn koöperaesje soe de krêft lizze foar it bouwen fan in nije takomst. In takomst hweryn de boer it net fan de jaende byt hoegde, mar in machtige organisaesje oprize soe as in bolwurk tsjin


ekonomyske delgong. It wie harren ta in idéael, hwermei hja de boer opgyngen. Hja swalken smoarge lânreden del en praetten as Brugman. Der waerd oer- en werpraten, hwant lang net altyd wie it sa mar klear. Mar hja wisten dat hja strieden foar in goede saek, dy't it úteinlik winne moast. Hja hâldden oan, lieten nea har ein slûpe en de oanhâlder woun.

Stadich mar wis krige de koöperative idé hâld, en sa koe op de twadde fan Gersmoanne 1900 de oprjochtingsakte syn bislach krije. It bistjûr waerd bineamd en dat liet der gjin gers oer waechse. In stik lân oan 'e Skatting waerd útkard foar it fabryk, it boumasterskip waerd opdroegen oan 'e hear W. de Jong to Snits, en itselde jier krige de oanbisteging foar de bou syn bislach. It wurk waerd gund oan de timmerbaes Kroon fan Wytmarsum foar f 55.000.—. Yn it selde jier dat it fabryk klear kaem (1901) koe it ledetal op 46, it oantal kij op 1100 brocht wurde. Dat bylke dus goed. Yn 1907 wie it kwantum molke dat ûntfongen waerd, 5.800.000 kg., yn 1950 waerd 8.700.000 kg. molke forarbeide. It gemiddeld fet yn 1907 : 5.05 %, wie yn 1950 : 5.86 %.

It fabryk to Heech hat folle lju wurk en bistan jown. It fabryk wist yn 'e earste jierren fan bernesykten; tsjinstuiten bleauwen net út, mar men hâldde faesje, en út de wraksel mei konkurrinsje is men mei eare nei hoppen kaem. De boeren kinne wize op in koöperaasje, dy't der wêze mei: troch forbouwing en it oanrieden fan nije masines is men mei de tiid meigien, de produkten — de bûter en de tsiis — wounen in goede namme.

De koöperaasje hat — en dat fral is in fornaem ding — de selstannigens, de emansipaasje fan de boer yn 'e hân wurke en in mark setten op it wurk en libben fan 'e boerestân.

Hwat men fan koöperaasje ek forwachte hie, it is útdijd ta in machtsapparaet sa't de greatste idéalist en koöperaet it him yn it oanbigjin net tinke doaren hie. De greate gebouwen to Ljouwert binne der om to biwizen hwat troch ienheit to birikken is. Merk, hoe't de Fryske suvel op 'e wrâldmerk in namme krige dy't der wêze mei.



De oprjochters

Nammen fan de boeren, dy't de oprjochtingsakte tekenen

1. Jan Thewis Zijlstra Heech 15 kij
- 1a. Tseard Ultsjes Attema Heech 24 kij
2. Jelle Jans Attema Heech 38 kij
3. Sippe Sippes Visser Heech 40 kij
4. Lolke Wattes de Vries Heech 26 kij
5. Sjouke Namles Asma Idsegea 24 kij
6. Arjen Jacobs van der Goot . . . Idsegea 30 kij
7. Herre Piteurs Wesselius Idsegea 37 kij
8. Sjerp Harings Piersma Heech 23 kij
9. Douwe Johannes Osinga Heech 38 kij
10. Gerben Sytzes van der Meer . . . Heech 27 kij
11. Wibren Klazes Jaarsma Heech 34 kij
12. Wibren Jiskes Attema Heech 18 kij
13. Klaes Klazes Hettinga Heech 31 kij
14. Auke Folkerts Attema Heech 30 kij
15. Popke de Hoop Heech 10 kij
16. Bouke Tsjittes de Jong Heech 18 kij
17. Petrus Boukes de Jong Heech 2 kij
18. Johannes Huitema Heech 28 kij
19. Jan Meintes Vierstra Heech 38 kij
20. Hindrik Dam Heech 7 kij
21. Jan Anes Steiginga Heech 8 kij
22. Wibren Jacobs van der Goot . . . Idsegea 14 kij
23. Jacob Bonekamp Gaestmar 31 kij
24. Jurjen Wattes Nauta Gaestmar 12 kij
25. Arjen Teades Ijkema Heech 14 kij
26. Arjen Johannes Osinga Gaestmar 38 kij
27. Tseard Thewis Zijlstra De Hommerts 20 kij
28. Jarich Murks de Groot Aldegea (W.) 34 kij

«H.O.Z.»
en de t.b.c.-bistriding

Soun fé is in boerebilang, in fabryksbilang en ek in folksbilang. De bistriding fan fésykten is fan great bilang foar ús féslach, foar de woltier op 'e buorkerij, dêr't de gronstof foar de suvel woun wurdt en dêrtroch fansels ek foar it hiele forrin fan de búter- en tsiis-makkerij.

Lyk as in soune geast allinne mar tier hat yn in soun lichem, kin men inkeld út molke fan soune kij goede suvelprodukten meitsje.

Hwat dat oanbilanget hawwe de búterfabriken har bernesykten troch-meitsje moatten.

Fral de tuberculose, dy't net allinne it fé bidrige, mar ek troch de molke en hwat dêrút makke waerd op 'e rjinsk oerbrocht wurde koe, foun yn 'e fabriken yn it earstoan in forspriedingsmiddel fan bitsjutting. Doe't foarhinne de molke op 'e buorkerij birêdden waerd, wie de bismettingskâns foar oare bidriuwen troch byprodukten as dreage molke en sûpe sa goed as útsletten.

Wol wiene der doedestiids slim mei t.b.c. bismette bidriuwen. De pake fan ien fan 'e tsjintwurdige leden fan it fabryk sei, dat hy yn 'e rin fan 'e jierren wol in hiel bislach oan dy sykte forlern hie. De milliarden tuberkelbacillen, dy't dêr mar fuortwoekerje koenen, ôljown waerden troch de iene en wer hâld founen by de oare kou, bleauwen biheind ta de buorkerij en hiene alteast gjin kâns om troch in fabryk fuortholpen op oare buorkerijen har forriederlik wurk fuort to setten. Doe't dan ek de molke fan soksoarte bislaggen yn 't fabryk forwurke waerd, hoegde it jin neat gjin nij to dwaen, dat fan de inkele stallen, dy't op t.b.c. ûndersocht waerden, it jongfé stéfêst réagearre. It wiene mar inkelen, dy't wer fan dy (fiedings-) tuberculose ôlkamen, fierwei de measten sieten der mei tangele en waerden it net wer kwyt.

By fé dat mei dy dôfhúddige sykte oanhelle is, kin men it skoan yn 'e molkamer fornimme, wylst de bisten tige fetber binne foar oare sykten. In frij great part fan de lijers sukkelt út.

It mei dêrom in bilangryk feit yn 'e skiednis fan it fabryk hjitte, dat it him yn 1926 oansleat by de „Gezondheidsdienst voor vee in Friesland”. Mei sok bistriden is men — dat lit him tinke — sa mar net klear. It hong earst hwat yn 't gat, it wie earst wer hwat nijs en dan is it trochstrings in toer om hwat op gleeed to kommen. Yn 1926-'27 waerden by 21 leden 814 bisten ûndersocht en dêrfan réagearren 47.9%. Hast de helte wie dus bismet. Dat like net bêst, en dat wie blykber de reden, dat it oare jier acht leden, dy't de measte réagearders hiene, harren werom

loeken. Hja lieten de moedfearren hingje en sille by de útslach wol tocht ha : Hjir is dochs gjin oprêddensein oan. By de trettjin, dy't de moed deryn hâldden, réagearren 121 fan de 457, dus 26.5%.

Fansels, ek letter bleau toloarstelling de lju net bisparre. Ek wie der tsjinaksel fan 'e kant fan somlike fékeaplju, dy't de bistriding net stees yn 'e kaert wierre. Mar dat joech allegearre neat, der waerd mear en mear omtinken foar frege en oan jown, en it tal fan boeren, dat ynseach, dat it dy kant dochs op moast, waerd linkenoan greater. Yn 1937—'38 wiene der 55 leden by mei 1115 bisten, hwerfan 11.4 % réagearren. Fral yn 'e oarlochsjierrren woun it tal bistriders tige oan.

Foar 1940—'41 wiene de sifers : 108 leden, 2609 bisten en 17.4 % réagearders. Yn dy tiid gie it hurd de goede kant op, en dat waerd noch tige stipelearre fan it forplichte oernimmen fan fé. Yn 1945—'46 réagearren fan de 5138 stiks fé fan 115 eigners noch 4.8 %.

Yn 1950 waerd de lêste raem dien. De „Gezondheidsdienst“, dêrta oantrune troch provinsjael bislút, stelde fêst, dat de lêste op t.b.c. réageardjende bisten oan kant moasten. Hiel de Fryske fésteapel soe dan frij wêze fan t.b.c.

Doe, yn 1949—'50, wiene der by de 5215 bisten fan 118 eigners noch 54, dy't net doogden. Dizze lêsten waerden fan 'e Gezondheidsdienst oernommen en opromme, en sa koe it barre dat de Koöperaesje „Hoop op Zegen“ krekt foar it gouden jubileum sizze koe : oan ús fabryk wurdt inkeld molke fan t.b.c.-frij fé ta bûter en tsiis forarbeide. En dat is gâns wurdich.

Yn 'e tachtiger jierren kaem ús suvel yn 'e nederklits. Mar troch dreech krewearjen is de âlde namme werom woun. Koöperaesje hat de boerestân sterk makke. Ienriedich hat men de tuberculose by it fé bistriden, en it hat de namme fan Fryske fé en Fryske suvel fier oer de grinzen ta deugd west.

Hoedzje en noedzje de namme fan ús Fryske produkten. It wie de eare fan ús foarlaers. De woltier fan lân en folk hinget der mei gear. Wês dan krekt op 'e molke, fan it kouwejaer oant it fabryk, hwant allinne fan molke, woun fan soun fé, en sindlik en hygiënysk bihannele, kin in earste klas produkt makke wurde. En dat is de eare fan de boer troch alle tiden.

Yn 1959 forfoel it âld rjocht fan de Heechmer ielaken to Londen. Yn 1901 waerd it koöperatyf fabryk „Hoop op Zegen” oprjochte. Yn 1951 — by it gouden feest fan it fabryk — kin men wer fan in rjocht prate. It fabryk hat yn dizze heale ieu syn rjocht fan bistean biwiisd, en mei rjocht en reden koe men it goud feestelik bitinke. De bitinkingsjounen wiene fêststeld op Woansdei 28 en Freed 30 Maert 1951. Nou is Heech in mânsk doarp, mar foar dizze gelegenheit soe men dochs in oar hinnekomen sykje moatte, hwant der wie to Heech gjin seal, dy't hyn nochte nei great genôch wêze soe om de leden mei harren froulju en al de gasten, dy't men forsykje soe, plak to jaen. Hjir hie men wer in libben foarbyld hoe't in famylje yn in fyftich jier útdije kin. Yn 1901 nammers, wiene it de njoggen en tweintich pioniers, dy't, hoewol in drege, dochs in lytse ienheit foarmen. Yn de fyftich jier, dy't efter de oprjochting lizze, binne der net allinne in hûnderttal leden bykommen, der binne leden nei oare kritein tein, boeren hawwe it buorkjen der oan jown en in nij slachte biarbeidet it lân en melkt de kij. Der binne slachten, dy't fan heit op soan de pleatsen bibuorkje, nammen dy't men troch de tiden hinne yn hier- en keapakten, yn oantekeningsboeken en yn oare forieningspompieren tsjin komt. Oaren hawwe har hjir nei wenjen setten en harren bern binne hjir hikke en tein. Fan folle lju lizze hjir to Heech oantinkens oan it jongereinlibben, oan de diken dy't hja biswalken by moai waer en yn ûnlijige riten. Har swit bidripte de greiden as de sinne baernde en de drokte fan ûngetiid wankte. Hja boarten hjir meïnoar en sieten der op 'e skoalbanken. Hja leaven hjir en founen der mûlk harren libbensoanhâld. Hja farken en sylden der op 'e mar as simmertwirkes it glêdde boat om-aciden, en swierden op izeren wjuk oer de wide flakten as Rûchburd it wiet bistjurre. Hja rieden mei de bussen molke nei „Hoop op Zegen”, koartsein : yn 'e Heechmer kritein lei in stik fan har libben, en as dan in útnoeging foar it gouden feest fan Heech al dy oantinkings wer towekker rôp, dan koe men ek op harren tidigje.

Der wiene mear. Dat wiene de buorfabriken, de direkteuren en bistjûren dêrfan soene net mist wurde kinne op dizze bliere dei. Fierders wiene der de toporganisaesjes, dy't harren bistean to tankjen hiene oan 'e koöperaesjes. De âld-direkteuren en de âld-assistinten, dy't oan Heech in goede neitins biwarren, soene it feest net graech forsitte wolle. Men soe der mannich âlde kunde moetsje. Krekt as foar folle boeren, hie

Der kamen
by hûnderten
fan minsken
op ta



*Yn 'e romme seal
fan it gebou foar
Kr. Bilangen to Snits
waerd it
fyftich-jierrich birstean
fan it fabryk bitocht*

foar harren de koöperaasje fan Heech in tuskenstasjon west dêr't hja langer of koarter tiid tahâlden hiene.

Op it boeremêd wie der yn de fyftich jier dat de fabryksskoarstien syn reekplom omhegens stjûrde, gâns bard. De boer wie gewaer wurden hwat men mei ienriedich meïnoar oparbeidzjen birikke koe. Oeral binne koöperative boerelienbanken oprjochte. Ek dy wiene, lyk as de suvelfabriken, út 'e need fan 'e tiid berne. Moasten de boeren eartiids, as hja jild brûke moasten, hege rinte bitelje, wylst de jildbilizzing op partekeliere banken skealik of ûnwis wie, mei it koöperatyf bidriuw hie de boer ek hjir sels de leije yn hannen naem.

In koöperaasje dy't yn 'e lêste tiid it ljocht seach, wie de Gêrsdroegerij to Heech. Ja, de koöperative gedachte hie hjir fjild woun en hâldfêst krige. De boeren hiene elkoar ek foun yn 'e lânbou-organisaesjes. It lânbou-ûnderwiis hie der sines ta dien om de boerestân omheech to bringen. Dat ûnderwiis, stipe troch de Rykslânboufoarljochtingstsjinst, brocht better fakkundich ynsjoch, en dat — de skiednis wie der om it wier to meitsjen — is nedich, wol men mei syn tiid meigean en net binefter bliuwe.

Al dat forieningslibben, dêr't de boer net mear bûten kin, dat syn bidriuw hâld en himsels sizzenkip jowt — en yn dizze tiid jildt de macht fan de iendracht mear as ea to foaren — al dat forieningslibben hat yngeand part oan it boerebirstean en is dêrom tige meibisibbe oan it koöperatyf suvelbidriuw. De bilangen geane lyk op, it iene is omfiemjend mei it oare forboun. It fabryk dochs is der b.g. tige by yntressarre dat der molke fan soun fé mei hege produksje oanfierd



*De fammen fan Heech,
de blom
fan it Fryske lân.
bitsjinnen de gasten
mei rynske hân*

wurdt, mar ek hwat de foerfoarsjenning en rju oare dingen en mooglikheden oanbilanget stiet it fabryk mids it boerelibben. It fabryk wurdt der yn bihelle as der melkerskursussen hâlden wurde, en op fokfêdagen en mear jowe direksje en bistjûr blyk fan bilangstelling, koartsein: it fabryk libbet deun by de boarne, de groun, it fé, de buorkerij ; it is fan en foar de boer. Al is foar goed fyftich jier it búter- en tsiismeitsjen fan de pleats nei it fabryk oergien, it is like goed in ûnderdiel fan syn bidriuw bleaun, wylst it tagelyk forbân leit mei oare lannen en sa in skeakel foarmt tusken hoarnleger, dêr't it skoane produkt woun wurdt, en de wrâld, dêr't it yn 'e foarm fan búter en tsiis forhannele wurdt, de tafel fan 'e konsumint fynt en de namme fan dit Fryske produkt oer sêen en lannen fiert.

Op it gouden feest fan „Hoop op Zegen” — men koe it fan tinken wol ha — soe men tobeksjen op it ôllein paed, men soe stil stean by dizze mylpeal mei it getal 50, men soe it ein oereagje en der jins learing út lûke. Men soe wize op it hjoed en wize kinne op in fabryk dat oan 'e nijste easken foldocht. Dat joech reden ta in feestlik bitinken. Mar men soe ek tinke oan de takommende tiid, hwant it wurk dat yn fyftich jier fan dreech krewearjen goede fortuten brocht en as in djûr pân op 'e jongerein oerbrocht wurdt, moat fan dy jongerein hoede en noede, dat wurk moat troch it slachte dat foar it libben stiet, oernommen, fuortset en útboud wurde. De lânbou-jongerein fan Heech en omkriten moat weet hawwe fan it ûntstean en forrin, fan doel en bitsjutting fan koöperaasje, en koe net op it feest ûntbrekke.

It personeel fan de boer, oan hwaens soarch it winnen fan de gronstof

fan 'e suvel tabitroud is, en it personeel fan it fabryk, dat syn krêft dei oan dei jowt om bûter en tsiis to meitsjen, dy't yn smaek en kwaliteit tsjin it bêste munsterje kin en de namme fan „Hoop op Zegen” yn binnen- en bûtenlân heech hâldt, hiene ek part oan dit feestlik barren. Dat sadwaende hoecht it jin net to forwûnderjen dat der gâns romte nedich wie om dizze greate famylje fan boer en koöperaasje, al soe it dan wêze op twa jounen, to stoel en to bank to bringen.

Dy romte foun men yn

IT GEBOU FOAR CHR. BILANGEN TO SNITS.

Dat it feest Heech en omkriten gou, koe men dy deis merkbite oan de flaggen, dy't to Heech fan boargerwenten en fier it ljild yn fan 'e nael fan boereskuorren waeiden. Fansels koe de jubilaris sels net binester bliuwe en hie twa flaggen útstutsen. Underskate pleatsen to Jutryp, De Hommerts, Aldegea, Sânfurd en de Gaestmar tsjûgen fan de blide dei. Ja, de molkauto's fierden sels de nasjonale trije-kleur of de Pompeblêdden mei. It wie feest fan de koöperaasje en dat wie wol fan sa'n wiid-omfiemjende bitsjutting dat it hiele gea der part oan hie.

De jouns kamen de gasten út alle wynstreken oangliden mei glêdde sliden. De boeren en boerinnen waerden mei greate bussen fan hûs helle en nei de Wetterpoarte-stêd fierd.

De greate seal fan it gebou foar Chr. Bilangen wie ré foar in feestlike sfear: it wie der rom en ljocht, yn 'e hoeke siet in „band”, dy't mei fleurige muzyk de klank brocht, en oer de breedte foar it toaniel tearde in rike blommefariaasje him út ta in kleurskakear, dêr't mannich broeikas fan in tûnman it tsjin ôflizze moast.

De oanklaeiing fan 'e seal wie tige ynoarder en de gasten mei fleurich sin joegen it oanbigjin daliks al de sfear fan sellige drokte, dy't sa'n gearwêzen foarm en styl jowt. It lokwinskjen, de drokte oan 'e bistjûrstafel, dat tsjin in eftergroun fan blomstikken barde, joech in biwiis fan de greate bilangstelling mei it heuchlik feit.

Mar ek yn 'e seal wie it in moetsjen fan âlde kunden, in fûstkjen en soun-fregjen, in opikkerjen fan mienskiplik neitinken oan 'e tiid dat men meïnoar yn 'e kunde kaem en oan alles hwat der om en ta libbe en hwat men ûnderfoun nei dat de wegen skaetten, hwat de iene dizze, de oare jinge kant opdreau.

*De foarsitter,
de hear
B. G. van der Meer*



De repening troch de foarsitter

Sa pratende wei hie men in sit socht om 'e taffeltsjes. Ear't men der op fortocht wie, wie de foarsitter, *de hear B. G. van der Meer*, it podium opkladdere, en nei it hear elkes oereage to hawwen, brocht er de seal mei in klopke fan 'e hammer ta swijen en oandacht.

Feestgenoaten.

Ut namme fan it Bistjûr fan de jubilearjende foriening „Hoop op Zegen“ rop ik Jim op dizze bitinkingsjoun in hertlik wolkom ta. Om mar fan hûs út to bigjinnen, jildt dit alderearst foar de leden en har froulju, mar ek net minder foar âld-bistjûrsleden en mei namme ús earelid S. Bruinsma en net to forjitten : hjir yn ús formidden is ek noch ien fan de oprjochters, nammentlik Joh. Huitema. Harren komt in bisûnder wurd fan wolkom ta. Hja binne it dy't folle foar ús koöperaasje dien ha. Ek âld-leden fan herte wolkom yn ús midden. Sa is it dan, gearkomste, dat de leden troch har greate opkomst blyk jowe fan har bilangstelling foar ús mienskiplike saek. Op ús gewoane ledegearkomsten stel ik my wolris de fraech oft it mei dy bilangstelling net oan it sakjen is, nou't de saek fan de koöperaasje net mear sa yn it teken fan de striid stiet as foar fyftich jier tobek. Mar as wy joun hjir de gearkomste oersjogge dan konstatarje ik dat praktysk al ús leden hjir fortsjintwurdige binne en dan sprekt dêrút de bân, dy't gearbynt en dat jowt wer moed foar de takomst.

Fierder in bisûnder wurd fan wolkom oan ús bihearder, mei syn frou. Hja hawwe mei de tarieding foar dit feest gâns wurk forsetten. It sil

harren ek fêst in foldwaning wêze harren plak hjir joun yn to nimmen en ik wol de winsk útsprekke dat it harren hjir joun goed foldwaen mei. Leden fan ús fabryk, wy hawwe in flinke direkteur. In man, dy't hert foar de saek hat en fan moarns ier oant jouns let yn it spier is om dizze saek to tsinjen. Neat is him to folle, en om soks ta syn rjocht komme to litten, leden, doch ik in birop op jimme. Stel dat op priis en help him dêr ta. Dêrom, âlde en jonge leden, wês net inkeld kritysk, mar help fan herte mei to bouwen oan eigen saek.

In bisûnder wurd fan wolkom rjochtsje ik ta de genoadigden, dy't om utens wei komme.

Ik achtsje it my fierders ta in eare dat ik it wolkom taroppe mei oan it kollege fan B. en W. fan ús Gritenij, fral omt ús boargemaster yn eigen persoan hjir oanwêzich is en fan syn bilangstelling blyk jowt. Nou't ik sa út ein setten bin om ús gasten hjir ien foar ien it wolkom ta to roppen en ta to sprekken, sjoch ik wol yn dat ik to langwielic, sa net forfelend wurde soe om sa troch to gean, hwant dat soe fierstentofolle tiid freegje.

Ik soe dan graech folstean wolle mei it neamen fan de nammen fan ús gasten. It binne de forsjintwurdigers fan :

it Boun fan Koöperative Suvelfabriken yn Fryslân,
it Koöperative Kondensfabryk,
de Koöperative Suvelbank,
it Koöperative Stremsel- en Kleurselfabryk,
it Koöperatyf Forsikeringsfûns,
it Underlinge Boereforsikeringsfûns,
it Underling Sykteforsikeringsfûns,
it Ynstitút Lânbou Koöperaasje,
de Koöperative Boerelienbank to Heech,
de Koöperative Boerelienbank to De Hommerts,
de Koöperative Boerelienbank to Blauhûs,
de Koöperative Gersdroegerij to Heech.

Fierders in wurd fan wolkom oan de âld-direkteuren, de rju eale hearen U. de Vlas en F. van Dam to Hoogeveen. Wolkom ek de âld-assistinten: Dijkstra, Balk ; Houtsma, Beetstersweach ; P. Boersma, Ljouwert ; J. Jansen, Laren ; Tj. Struikmans, Ymuiden ; S. Duursma, Enschede ;

R. Hofman, Garyp ; W. Hoogterp, Hoogeveen en M. te Raa, Heech. Fierders in wurd fan wolkom oan 'e rju eale hearen direkteuren fan 'e Rykslânbou-winterskoallen : Tj. de Jong, Boalsert; ir. H. van der Molen, Snits ; De Boer, Snits en Beetstra fan 'e Foarljochtingstsjinst Heech. In wurd fan wolkom oan de amtners fan it Boun fan Koöperative Suvel-fabriken yn Fryslân, de hearen Teijema, Aalten, Annema en Radema, allegearre to Ljouwert.

In folslein boerefeest is net to tinken sûnder de buorlju dêrby út to noegjen. Bywêzich binne dan ek de fortsjintwurdigers fan de fabriken : Wâldsein, Easthim, Warkum, Haskerhoarne, Twizel, Grypstsjerk en Twellingea. Allegearre ek tige wolkom. Fierders wiene wy fan bitinken dat de fêdokters mei harren froulju hjir joun ek net ûntbrekke mochten. It binne de hearen Haagsma, Bron en Hofstra, dy't ik hjirby wolkom hjit. Wy stelle Jim oanwêzichheit tige op priis. Jim soargje foar de sounens fan it fé en omt Jimme by nacht en by dei omswalkje en in great oandiel hawwe yn it boerelibben, mienden wy dat Jimme hjir joun ek net ûntbrekke mochten.

Yn dat forbân mei ik ek noch wolkom hjitte de rju eale hearen Ir. Van Balen Walter fan it Bûter- en Tsiis Kontrôlestasjon, K. H. de Jong, tsiis-eksporteur, fa. R. Buisman, bûter-eksporteur en A. Grijpink, Vught, mei hwa't wy altyd op oangename wize saken dien hawwe.

Fierders wol ik noch neame de fortsjintwurdigers fan alle lânbou-organisaesjes, de âlderen sawol as de jongeren, allegearre fan herte wolkom, net allinne de manlju, mar ek de froulju.

By namme neam ik fierder noch de âld-volontairs : Grietinus Asma, A. W. Nauta, H. v. d. Hoek en J. Zwaga.

Sa ek de fammen, dy't har frijwillich biskikber steld hawwe om de bitsjinning út to lieren.

Dan neam ik noch de kranteminsken en fierders allegearre, dy't op de ien of oare wize meiwurke hawwe oan de tarieding fan dit feest. En dan, alderlêst, mar yn gjin gefal alderminst, it selskip Westra, dat dizze joun ús forrykje sil mei de opfiering fan harren programma.

Ik hjit jim dan allegearre fan herte wolkom en sprek de winsk út, dat jimme net allinnich fan dizze feestjoun in oantinken biwarje meije, mar dat jim ek fan ús koöperaesje in goede yndruk mei nei hûs nimme meije. Sa binne wy hjir dan byelkoar kommen ta feestlike bitinking fan

fyftich jier arbeidzjen yn en foar de koöperaasje. Ik sil oer de striid dy't der west hat foar de oprjochting net folle sizze, hwant wy krije aensens in histoarysk oersjoch fan ús bihearder. Mar ik wol inkeld hjir mar op wize : as wy, boeren fan hjoed de dei, noch hwat forstean meije fan de geast dy't ús heiten en memmen, paken en beppen bisielde, en de striid, dy't troch harren fierd is om to kommen ta it stiftsjen fan de foriening „Hoop op Zegen“, hwerfan wy nou de fruchten ploaitsje meije, dan sil dizze bitinkingsjoun greate bitsjutting hawwe en is der foldwaende reden om feest to fieren. En dan sil as fansels út it tankbre bitinken fan hwat ús foarfaers ta stân brochten de djûre ropping yn ús wekker wurde om op de grounslach fuort to bouwen. Minsken, dy't fyftich jier yn it striid-libben meiarbeide hawwe, binne oer har bêste krêften hinne. Mar in foriening dy't it fyftich-jierrich jubileum fiert, kin noch geef en soun wêze, ja, yn de bloei fan de maitiidskrêft. Dat kin ek mar allinne as de leden har tiid forsteane en yn ienriedich oparbeidzjen de krêft sykje om ús mienskiplik bidriuw to hoedzjen en to forsterkjen. Lykwols moat men net tinke dat koöperaasje in tsjoenwurd is, dat automatysk de doarren nei in Luilekkerlân iepen docht. It freget ienriedichheidslielen en goed forstean. It freget ek kennis fan saken by bikwame lieding, deuchlik bihear en kreative kontrôle. Gjiniën fan neamde punten kin mist wurde. De fabriken wiene sûnder dat, nea kommen ta hwat hja nou binne. It past dan ek yn it ramt fan dizze joun, sa mien ik, om in wurd fan earbiedige hulde to bringen oan ús foarâlden, dy't de moed hiene om dy dingen to ûndernimmen. Der is mûlk gjin bidriuw to neamen, dat sa'n fornaem plak ynnimt yn it birstean fan it plattelânsfolk as it suvelbidriuw, dat as forlingstik fan 'e buorkerij, yn in tiidrek fan 50 jier fan de groun opboud is en ta ûntjowing kaem. Men sjocht dêrfan de woltier yn doarps- en organisaesjelibben.

Boppe alles tankje wy God, dy't it wurk fan dizze 50 jier mei Syn ûnmisbre seine bikroane hat. Dat dizze joun dan stean mei yn it teken fan tankbrens en fan in lêste wil om troch to arbeidzjen en to bouwen. Mei dizze winsk forklearje ik dizze feestjoun foar iepene ûnder de ynwachting fan des Heechsten Seine.

De bitsjinsters songen in feestliet, strûsden dêrnei de seal yn en soargen de hiele joun dat it de gasten oan wiet noch droech ûntbriek.

*De direktour,
de hear G. Muurling*



Histoarysk oersjoch fan de direktour

Doe't elk dan hwat foar him hie en it muzyk fleurige akkordeonklanken dêr oan ta foege hie, kaem de hear G. Muurling foar it buordtsje en forhelle ien en oar út de skiednis fan it lyftich-jierrich bistean fan „Hoop op Zegen“.

„It wie in minne tiid foar de boeren, de tiid, dy't oan 'e oprjochting fan 'e koöperative bûterfabriken foarôf gyng. Dat wie to Heech sa, dat wie oeral yn Fryslân sa. De boer hie in swiere sile en in muoisum bistean. Der moast hwat barre en de tiid wie ryp foar fabrykmjittige suvelbireiding.

Doe't it bûtermeitsjen noch op 'e pleats birêdden waerd, naem de winkelman de bûter fan 'e boer en birekkene de waer nei de kwaliteit, mar as tsjinprestaesje (foar hwat, heart hwat) wie de boer boun om winkelspul en féfoer by syn bûterkeapman to keapjen. Hwa't oan de langste, hwa't oan de koartste ein loek, lit him maklik riede.

In stik trije boeren to Heech retten yn 'e mande in centrifuge oan om, as it hwat woe, ta better produkt to kommen en sadwaende heger priis to meitsjen. Dat roaide der nei, it joech goede fortuten, alteast, it like better as foarhinne. Dat bleau net forhoalen, en dêr kamen oare boeren, dy't it ek net min talike en wol meidwaen woene. Sa ûntstie der in lyts fabrykje, as men it sa neame woe, yn 'e buorkerij. Ringen waerd de romte to biheind. Utweidzje op 'e pleats foel net ta en dêrom waerd der in fabrykje by de pleats boud, en dêrmei wie dan de fabrykmjittige

suvelbireiding to Heech ta stân kommen, dy't hjoed de dei noch bistiet yn it fabryk fan de firma Lankhorst to Osingahuzen.

De oprjochter en eigner hie't goed foar 't forstân : it bûter- en tsiis-meitsjen op 'e buorkerij hie dêr syn tiid hawn en soe nei it fabryk forhúzje moatte. Inkelen mochten yn 't earstoan noch hwat tsjinakselje, it sechje dat it nijmoadrige bûterfabryk loaije boerinnen en meagere keallen jaen soe, hie ringen syn sizzenskrêft forlern. De stream fan molke woun aloan, en it bidriuw, hoeden opset, wie al gau mar amper tsjin sa'n kwantum opwoechsen.

De earste pear jier hie men net to kleijen, de boeren barden mear as earen fan de winkelman, mar doe't der al mar mear molke oanfierd waard, wie dat in reden foar de fabrikant om de molkpriis to forleegjen. Hwa en hwat soe him dat bilette ? It wie foar de fabrikant „stryk-yn't-laedtsje” en de boeren, dy't harren fan it âlde bidriuw ôfsetten hienen, koenen net in oare kant út.

Oer hiel Fryslân rûsden fabryksskoarstiens mids de griene greiden, dêr gie in rop oer de fjilden om frijheit foar de boer. Dy rop foun wjerklank, it wie it probleem fan dy dagen en oeral, dêr't boeren wennen en gearkamen, kaem de koöperaesje op it aljemint. Troch ienriedigens en meïnoar oparbeidzjen moast dochs de niisneamde frijheit woun wurde. It wurd fan foaroanmannen waard stipelearre troch de praktyk en dy bylke goed foar de koöperaesje.

Dy klanken, dy't wytgen fan in nije tiid, waerden ek heard en biachte fan boeren to Heech. In stik ljouwer boeren namen de foarstap. Hja seine, wy wolle net langer ûnderhearrich wêze oan in oar, to Heech moat in koöperaesje komme. Dy ljouwer mannen dat wiene : S. N. Asma, K. K. Hettinga, D. M. Osinga en J. W. Visser.

Lykwols, it wie in ûndernimmen, dêr't mannich boer him noch ris oer bisliepe moast. It mocht dan net ien-twa-trije klear wêze, der wie oer praet en it soe net yn 'e dôlpôt komme.

Gearkomste nei gearkomste waard hâlden ûnder lieding fan 'e hear Sinnema, dy't destiids direkteur wie fan it koöp. suvellfabryk to Wytmarsum. It greate bilang fan in eigen fabryk waard dêr wiidweidich taljochte. Soe men op it biwende paedtsje fuortpanderje, of soe men de stim fan de nije tiid forstean en yn iendracht it ûndernimmen oan-gean ?

„De boer moat sels de leije ha”, dat wie de slachsin fan ‘e koöperaesje. Nei folle hinne en wer praten, kaem men einliks ta it bislút : der soe in koöperatyf fabryk to Heech komme. Yn 1899 waerd yn prinsipe ta de oprjochting bisletten. Der moast lykwols noch gâns barre eardat de skoarstien rikje koe.

Yn it foarlopich bistjûr krigen in sit de hearen : L. W. de Vries, S. S. Visser, K. K. Hettinga, S. N. Asma, H. P. Wesselius en Mr. P. D. Poelstra.

Dit bistjûr socht wer oaren oan, lju, dy’t fan it nut fan koöperaesje oertsjûge wiene en der tiid en muoite foar oer hiene om de boeren fan Heech en omkriten, dy’t noch net út ‘e rie komme koene, oer de lêste biswieren hinne to helpen. Twa oan twa biswalken dizze lju de boerepleatsen by Heech en yn fiere omkriten, oer it wetter en oan ‘e dyk, lâns lânreden en modderpaden. Elk skot wie gjin einfûgel. De lju praetten as Brugman, en der wie ek neat tsjin yn to bringen. Mar as de knipe op ‘e skine kaem, dan bleau mannich boer oars gjin forwar as :

„Och, ja, wy wolle it jim net ûntstride, der is wol hwat foar de koöperaesje to sizzen, mar wy binne nou ienris oan it spekelative fabryk, kinne goed mei de eignêr opsjitte..... né, earst noch mar net”. In riddenaesje, dy’t men sels hjoed de dei, nei fyftich jier koöperaesje, om der learing út to lûken, noch wol biharkje kin.

Nou mei men net forjitte dat it minne tiden wiene en it nije ûndernimmen net sûnder risico wie. Boppedat binne der by sokken altyd lju, dy’t earst de kat ris út ‘e beam sjen wolle. As oaren foargeane, der harren jild ynstekke, dan kin men ris sjen hoe’t it giet. Giet it goed en blykt it dat men by de koöperaesje mear barre kin, dan wie it noch ier genôch om der ta oer to gean. Roun it lykwols op ‘e nûn, dan koene sokken sizze : „Sjoch jim nou wol? Wy hiene it wol tocht dat it misrinne soe”.

Lokkich, feestgenoaten, wiene der ek oaren, lju mei murch yn ‘e bonken, dy’t it der net om to dwaen wie om der in oar foar opstrûpe to litten, mar dy’t as man to plak stiene en dêr’t men op tidigje koe hwer’t it gie om it mienskiplik bilang foar de boerestân. Wiene hja der net west, wy hiene hjir hjoed net feestlik gearkommen.

Doe’t de warbre foaroanmannen hiem op hiem ôfswalke hiene, stiene der 29 boeren op ‘e list, boeren mei sa’n 700 kij. Dizze lju wiene ré it

lederegister to tekenjen. Bisletten waerd om mei dit bigjin út ein to setten. De akte fan oprjochting kaem 2 April 1900 ta stân. In definityf bistjûr waerd gearstald, dêryn krigen in sit de hearen L. W. de Vries, foarsitter; S. S. Visser, skriuwer en Johs. S. Huitema, skathâlder. Kommissaris waerden de hearen K. K. Hettinga, H. P. Wesselius en Mr. P. D. Poelstra, doedestiids notaris to Heech.

Fan de neamde lju is der mar ien oer, it is de hear Johs. S. Huitema, dy't nou to Tsjerkwert wennet. Wy binne bliid dat er hjir joun by ús wêze kin om mei ús to bitinken it fyftich-jierrich bistean fan it fabryk dat er mei oprjochte hat. In pear jier mar hat er oan de opbou fan ús koöperaesje meiarbeidzje kinnen, mar ek doe't er hjir net mear wenne, hat er altyd blyk joun dat er meilibbe en it Heechmer fabryk net forgeat. Ik leau grif dat er ús aensens noch wol it ien en oar oer dy earste tiden út 'e doeken dwaen sil.

Men hie foar fyftich jier de kar út trije bouterreinen. It iene lei by de Jeltsleatbrêge to De Hommerts, it oare op 'e fierste Helling ûnder Heech, en it tredde dêr't nou it fabryk stiet.

Nou wie it wol singelier, mar men naem it djûrste en minst gaedlike terrein foar kar.

Ein Juny 1900 waerd it fabryk oanbistege ûnder lieding fan architect W. de Jong. It wurk waerd gund oan de lêechste ynskriuwer, oannimmer Kroon fan Wytmarsum, foar f 55.000.—. Doe in slompe jild om der fan efteroer to slaen, nou, yn ús djûre tiid, it neamen net wurdich.

Doe't it spul dan op gong rekke, moast der nei in direkteur omsjoen wurde. Nou der kamen ûnderskate lju op tasetten, dy't wol gading oan dat baentsje makken. Nei hilken en weagen waerd de hear Sinnema, direkteur to Surhústerfean, bineamd.

Op 7 Maert 1901 koe it dan heve. It fabryk wie kant en klear, en op neamde datum koe de earste molke levere wurde. De jonge direkteur die hwat er koe om de saek út to wreidzjen. Hy gie de boer op en it mocht him slagje 17 boeren mei 400 kij foar de koöperaesje to winnen. Sa wie men dan op in ledetal fan 46 kommen, en krige men molke fan ryklik 1100 kij oan 't fabryk. De konkurrinsje woech swier en by eintsjebislút blik dat de jonge bihearder dêr net tsjin opwoechsen wie.



*Ald assistinten
fan it fabryk to Heech*

Yn 1907 hie men der klauwen oan : der wie mei de konkurrinsje lyk-op útbittelle, en dat hie de brune net lúke kinnen. Oan 'e ein fan it boekjier wie de balâns út 'e blâns, der wie in neidielich saldo en ynsté fan it potsje, dat altyd wolkom wie en dêr't mûlk op tidige waerd, moast der hwat fan it molkjild yn de pôt werom rûgelje.

Dat wie in rare tobekset en wurke de ûntjowing fan de foriening — dat lit him tinke — nou net bipaeld yn 'e hân. It bitrouwen kaem elkes yn 'e knoei en dat wie yn 'e molke to fornimmen. Lokkich foar ús, sa't wy hjir nou byinoar binne, liet it greate part de moedfearren net hingje, mar hâldde faesje yn goed bitrouwen dat it wer better wurde soe. Oan harren in wurd fan hulde. It like faei to stean, mar troch it folhâlden fan dizze mannen, koe it fabryk trochdraeije. De partekeliere ûndernimmer seach in ljochtpuntsje en woe it fabryk wol cernimme, mar dat foarstel waerd forsmiten. De boer woe sels de leije yn hannen hâlde en..... de skiednis hat him gelyk jown : sá hat it goed west. Nou't wy hjir gear binne op it gouden jubileum fan ús fabryk, nou past ús in wurd fan tankbrens en hulde oan de neitins fan mannen as G. S. van der Meer, S. N. Asma en oaren. Hja hawwe yn 1907 op 'e nij de gronlizzers west fan hwat der hjoed yn it goud stiet : it fabryk dat der wêze mei, dat oan de moderne easken foldocht, en hwerfan harren neiteam de fruchten ploaitsje kin. Op harren wurk ek meije wy fierder bouwe.

Tsjinrampen kaem men to boppe, druk foroare yn foarspoed, en stúve tsjinwurking koe de koöperaesjegeast net opkeare, en dy geast fan



*Froulju fan bistjársleden
yn noflik rountsje
op it feest*

meiïnoar oparbeidzjen wie en bleau it founemint fan de jubilaris. De twadde direkteur, de hear U. de Vlas, hat folle en goed wurk dien foar „Hoop op Zegen”. Mar it wie sa, de earste jierren koe men net út 'e romte sprekke. De earste wrâldkriich brocht wyn yn it seil, en de hear M. Pel, dy't direkteur De Vlas opfolge, makke fan dizze bûten-gewoane omstannichheden in tankber gebrûk en seach kâns om yn inkele jierren in great part fan de skuld lyk to krijen. It fabryk koe it âld bitrouwen werom fine, en fan dy tiid ôf is de oanfier fan molke aloan omheech gien.

De hear Pel waerd opfolge fan de hear F. van Dam, dy't gâns en fruchtber wurk dien hat yn it bilang fan ús foriening. Yn 'e tiid dat ik mei him oparbeidzje mocht, ha'k folle fan him leard dêr't ik prefyt fan hie. Foar it iene sawol as foar it oare komt him hjir in wurd fan hertlike tank ta.

Yn de lêste 30 jier binne der net bûtenwenstige dingen bard. Wol is der fansels folle oan it fabryk foroare. De noch jonge suveltechnyk gie mei sprongen foarút, en men koe en mocht net by it âlde bliuwe. Foar en nei wie der al ris hwat fan boppen helle en nij foar yn it plak steld, mar dat koe net helje by itjinge yn 1938 en 1939 forboud waerd. Dat wie de greате raem; útsein masinekeamer, kantoren, e.s.f.h. ûndergie it hiele fabryk doe in fornijing. Spitich, dat doe tagelyk ek net it neamde ûnder hannen nommen is, men hie dan gâns kosten bisparre.

Yn it forrin fan dizze heale ieu hawwe seis foarsitters har krêft oan ús foriening jown. It wiene : L. W. de Vries 1901—1905 ; H. P. Wesselius 1905—1906 ; G. S. van der Meer 1906—1925 ; K. Visser 1925—1928 ; S. Bruinsma 1928—1947 ; en B. van der Meer fan 1947 oant hjoed de dei.

Fiif direkteuren hawwe yn de fyftich jier it fabryk tsjinne, to witten : Sinnema fan 1901—1907 ; U. de Vlas fan 1907—1912 ; M. J. Pel fan 1912—1918 ; F. van Dam fan 1918—1929 ; en myn persoan fan 1929 oant hjoed de dei.

Inkele feiten wol ik hjir noch efkes oanhelje.

Om 1921 hinne hie in boer by Aldegea (W.) dy't dêr syn molke oan 'e spekelaesje levere, him yn 'e holle set him to forlizen en de molke oan ús koöperaesje to leverjen. Dat wie net sa ienfâldich, dêr moast oer praet wurde, hwant de nije boer lei gâns bûten ús krite, en in nije rit yn to lizen om ien boer, hie syn biswieren. It soe ommers daliks gjin winst opsmite, mar wol jild kostje. It bistjûr lykwols seach fierder as hjoed en moarn en ornearre, it moast mar oangean. Dat dit bislút net mis wie dêrfan is de oardel miljoen kilo molke dy't nou út de Blauhúster kontrije nei de Hegemer koöperaesje fierd wurdt, wol in sprekkend biwiis.

De hear J. H. Witteveen, ús tsjintwurdige skriuwer, komt foar syn warber en fruchtber wurk hjir in wurd fan hertlike tank ta.

In soartgelikens gefal út 'e kontrije fan Jutryp mei yn dat forbân hjir ek neamd wurde. Jierren oanien is de molke fan ien boer dêr weihelle mei in roeiboatsje oer in ôfstân fan sa'n 2 k.m. It oanhâlden bleau net sûnder fortuten ; nou komt der in ôfladene auto mei molke wei.

Feestgenoaten, ik ha jim sa it ien en oar forhelle fan de skiednis fan ús fabryk. Ik wol it net lang meitsje, mar in inkeld wurdtsje moat my noch fan it hert.

Wy steane joun by in mylpeal. Wy sjogge efkes tobek op it ôflein paed. Dan rjochtsje wy ús nei de takomst, nei de fyftich dy't foar ús lizze. Hwat de takomst ús bringe sil, nimmen wit it. Mannichien fan ús sil it ieufoest net meimeitsje. Mar dit stiet wol fêst, dat elk fan ús, salang it dei foar him is, to dwaen hat, hwat syn hân fynt om to dwaen. Ik hoopje dat wy, sa machtich as wy hjir binne ús to skoar sette sille foar de koöperaesje, en dat elke boer dêr foar opkomme sil



*Bourgmester
Tjabeerings:*

*„As it de hoer goed giet,
giet it allemin goed”*

hwer't soks mar foech jowt. It goed rjocht fan koöperaasje mei wurd ha, it moat útdroegen wurde en it stiet oan ús meiïnoar om dat to dwaen. Dat is in opjelte, dy't, as er goed neikommen wurdt, strekke sil ta it bilang fan de boerestân, ta dy fan ús doarp en wide omkriten en ek ta it bilang fan ús neiteam.

Dy propaganda foar eigen saek, dêr stiet net in sulveren leppeltsje of sokssahwat foar, mar it jowt likegoed foldwaning. As foarbyld in aerdich gefal, dat net fier hjir fandinne barde.

Op in jounpraterij sieten in mannich boeren yn smout petear byelkoar. It praet kaem op it nut fan koöperaasje, en it propagandistysk wurdtsje kaem sa goed to plak, dat in spekelaesje-boer, dy't yn dat formidden siet, syn molke fan stoune ôf oan nei de koöperaasje ha woe. Men woe der mar gjin gers oer waechse litte en sette daliks de stap deryn nei de direkteur dy't al mei it fel oer de eagen lei. Hy waard út 'e sliep helle, mar hy hie it der skoan foar oer, doe't er hearde dat men mei in nije boer oankaem. It wie al hynstemiddei doe't de direkteur bussen ré sette en de nije koöperant it lederegister tekene. Dus : samar klear en in foarbyld dat neifolging fortsjinnet.

Sjoch, oanwêzigen, as wy allegear ús bêst dogge en sa op ús iepenst binne as dy jounpratere, dan kin der noch goed wurk dien wurde, dan kinne wy mei moed de takomst tomjitte gean, en dan sil op it ieu-feest fan 't fabryk mei weardearring praten wurde oer de pioniers fan foar 50 jier”.

*De hear J. T. de Boer
fan Eagmaryp
„It fabryk fan Heech
mei der wêzen“*



DE T A S P R A K E N

De lange rige fan taspraken waerd ynset fan

BOARGEMASTER F. TJABERINGS

dy't út namme fan it deistich bistjûr fan Wymbritseradiel lokwinken oanbea. By it jubileum fan 'e Frico hie it sprekker al bliken dien dat de koöperaesje gâns in biwâld hie oer Fryslân en de Fryske boeren har krêft sochten yn it meiïnoar oparbeidzjen, dat ek goede fortuten brocht hie. Net oars wie it mei de koöperaesje to Heech. It fabryk hat him yn 'e rin fan 'e tiid sá útwreide, dat men it fan tinken wol ha kin dat it de wyn yn it seil hat. Men seit wol ris : as it de boer goed giet, dan giet it alleman goed, en yn sa'n agraryske gemeente as uzes, is dat sizzen sûnder mis to plak. De wolfeart fan dizze krite — sa sei de boargemaster — kaem ek ta útdrukking yn 'e opbringst fan 'e ûndernimmingsbilêsting, dy't aerdich heger wie as men raemd hie. De boeren jowe hjir blyk fan ienriedigens en mienskipssin, dat de boerestân en de gemeente to'n goede komt.

Sprekker hope dat dit sa bliuwe soe en it fabryk groeije en bloeije mei ûnder warbre lieding fan bistjûr en direkteur.

De hear J. T. DE BOER fan Eagmaryp

spriek út namme fan it Boun fan Koöperative Suvelfabriken, de Koöperative Kondens, it Koöperatyf Stremsel- en Kleurselfabryk en it Ynstitút Lânbou Koöperaesje. Sprekker lei klam op 'e goede forhâlding fan 'e



*Rjochts
de hear Johs. Huitema
fan Tsjerkwert,
dy't fan it begjin tsjûgje koe*

*Lofts:
de hear B. L. v.d. Zee
dy't de earste jierren
yn 'e tsjûnmakkerij arbeide*

Koöperaasje to Heech mei de neamde toporganisaesjes. It fabryk hat altyd goed meikomme kinnen. Dat wie sa yn it forline en dat is noch sa ûnder de fikse lieding fan de hear Muurling, dy't net in man is fan in soad wurden, mar wol fan 'e died, en mei dy died leit er in founemint hwerop men bouwe kin. De hear Muurling — sa foege sprekker der oan ta — is ek in goed minsk mei in waerm fielend hert. Hy doarst yn bisettingstiid wol hwat to riskearjen om de meiminsk to helpen. Op dit feest kinne wy tobeksjen en út de skiednis learing lûke. Sprekker hopet dat, as men by de oare helte oanlannet men ek dan tsjûgje kin fan in soun en geef bidriuw.

Doe't de âlde hear

JOHs. HUITEMA fan Tsjerkwert

foar it buordtsje kaem, krige er in applauske fan 'e seal tapart. As âld-Heechmer hied er hjir grif noch wol kunde. Hy wie de ienichste, dy't fan de oprjochters fan „Hoop op Zegen” oerbleaun wie, en koe hiel hwat forhelje fan 'e tiid, dy't nei de koöperaasje laette.

Yn 1895 hie Huitema him as jonge boer to Heech nei buorkjen set. It doel wie earst om sels to tsjernjen en to tsiizjen, mar it bitearde oars en syn molke gie nei it spekelative fabryk fan Lankhorst to Osingahuzen. Yn 1894 waard 8½ sint foar de healkanne molke bitelle en yn 'e Mæi-moanne 1895 koene hja mar in stûr barre. Dat wie fansels net folle, en as hja dan Tiisdeis to Snits byelkoar kamen, koe it fansels gjin

*De hear Jansma
fan Drylts*

*„It fabryk is in bliuws
fan koöperaasjegeest
fan 'e boeren to Heech.”*



pochen lije. Dat inkelden der oan biwenden om by de tomme heind to wurden, blick by ien fan dy petearen, doe't der in boer wie dy't it to bot gie: men moast oplêst it goede ek sjen wolle. Hy koe net tsjinsprekke dat Lankhorst net boppe mjitte bitelle dit jier, mar it jier dêrfoar hie de fabrikant dochs in rejale hân fan útbiteljen hawn. „Doe koe 'k my in nij fordek keapje”, sei de man, „en ik ha tsjin myn wiif sein : sjoch, dy nije wein dat is nou eins in presintsje fan m'nhear Lankhorst”. In oaren ien hie doe opmurken dat mei dizze lege prizen de nije wein wol ringen de oare kant wer útrôlje soe en de tofreden boer him bliid makke hie mei in deade mosk.

Yn 1897 en '98 makke ik mei oare boeren bûter en tsiis fan 'e molke by't simmer, en winters dan waard de molke oan it fabryk levere. Mar it bleau lijen. Bûter- en tsiiskeaplju joegen net mear as hja kwyt woene en dat wie net folle. Foar it skippoun tsiis (506 poun mei acht poun foar it yndroegjen, dus 314 poun) waard yn dy jierren *f* 25.—, *f* 25.—, *f* 27.— bitelle. By de winkelman koe men *f* 30.— barre, mar dy hie ek lynkoeken, moal, ensfh. to keap, en dan wist men it wol. Mei de bûter wie it net better, 32-33 gounne foar in fet bûter earste keur, dat wie sahwat de taks. Foar lege bûterfetten moast men 28 stûren bitelje. As men dan bitinkt hwat in wurk en omtinken it bûter- en tsiismeitsjen ferge, wylst men faken noch mei in minne molkenkelder tangele siet en men dêrtroch en troch oare tsjinrampen net ta earste keur komme koz, dan kin men jin yntinke dat it de boer nou net bipaeld meiwierre. Sa waard de tiid ryp foar koöperaasje.



*De âld-direkteur
de hear U. de Vlas*

*„Der wie stees
in goed mettnour oparbeidzjen”*

Lykwols, der moast foar arbeide wurde. It gie sa mar net. Huitema en oaren teagen de boer op, hiem op, hiem ôf, en praetten as Brugman, Party boeren wiene spoeksjoggerich, doarsten it mar net oan. Oaren, dy't de propagandisten foar koöperaasje gjin ûngelyk jaen koene, dy't der hast wiene, koene, as de knipe op 'e skine kaem, net oer de streep komme en woene earst ris sjen hoe't it útpakte. Ja, it wie muoisum wurk dat oerriedingskrêft en úthâldingsformogen frege. Mar it fabryk soe en moast der komme, de pioniers soene net earder bilies jaen. Hja wounen, stadichoan rigele it keppeltsje dat ynseach dat it oars moast, dat de boer sels nei de leije gripe moast, soe de boerestân net nei gichem gean. It fabryk kaem, nou fyftich jier forlyn. Hwer bliuwt de tiid ! Sprekker is âld wurden, doe wied er yn 'e krêft fan 't libben.....

De âlde tiden kamen him wer libben foar de geast en hy rekke bynei net útpraet.

Doe't er optlêst om him hinne seach, hied er selskip krige. It wie de hear B. L. van der Zee, dy't nou to Snits wennet, foar fyftich jier ta it earste personeel hearde, der fiif jier arbeide hie en der ek oer meiprate koe. De fotograef wie der handich by en sette dizze beide âld-striders op in printsje.

De fêdokter, dr. H. HOFSTRA fan Snits,

neamde de oansluting fan it fabryk by de Sounheitstsjinst foar fé yn Fryslân ien mei fan de bilangrykste feiten út 'e skiednis fan „Hoop op Zegen”. Lyk as earen mei it oprjochtsjen fan it fabryk, hie it ek

De hear F. van Dam,
ald-direkteur
„It lân lje“



striid en muoite koste om de boeren foar de t.b.c.-bistriding yn it spier to krijen. Mar ienkear op glead en ta ynsjoch brocht, hie men fan 'e leden fan „Hoop op Zegen“ alle meiwurking hawn. Sprekker neamde de foarste direkteur fan de Sounheitstsjinst foar fé, dr. Veenbaas, dy't folle en baenbrekkend wurk dien hat om de sykte to bistriden. Men hat it oprêdden : it fabryk to Heech makket inkeld produkten út molke fan t.b.c.-frij fé. Sprekker bea nêst syn lokwinsken út namme fan alle fé-artsen yn it rayon fan it fabryk in petret fan de lêste réagearder oan. Dit sike bist hearde net by in soune fabryk. Dat is folle woun — sei sprekker — mar wy binne der noch net: de bismetlike abortus-bacil freget ús om-tinken, en dit fûleindich gnob mei men net to licht achtsje. Krekt fiif-en-tweintich jier hat men oer de t.b.c. gear west. Sprekker hat wol moed, as de meiwurking der is — en dêr wol er net oan twifelje — dat de abortus-bacil earder bilies jaen moat. It is yn it bilang fan buorkerij en fabryk.

De hear H. A. WIND

brocht de lokwinsken oer fan 'e koöperative Boerelienbank to De Hommerts en de ôfd. Súd-Wymbritseradiel fan 'e C.B.T.B. Dy forienings hawwe yn „Hoop op Zegen“ altyd har greate suster sjoen. Meiïnoar hawwe hja de boerebilangen op it each. Der hat altyd skoan kontakt west tusken dizze forienings en it fabryk en faken mei mar deselde minsken yn de ûnderskate bistjûren. It fabryk is in machtige faktor yn 'e boeremienskip en sprekker hope dat it groeije en bloeije mocht ta heil fan 'e boerestân.



*De hear K. Visser,
Hilaerd,
âld foarsitter*

*„De jongerein mout rê wêze
it wurk oer te nimmen“*

De hear H. WITTEVEEN

spriek foar de A.B.T.B. en it Boerinneboun. Ek dizze sprekker spriek fan goed oparbeidzjen en brocht de bêste winsken oer.

De hear J. JANSMA fan Drylts

foar de susterfabriken út 'e omkriten, t.w. Twellingea, Wâldsein en Easthim. Dizze susterferienings hawwe mei bilangstelling de útbou fan 'e Heechmer koöperaasje folge. Dat dit fabryk him nêst in machtich partekelier bidriuw sa ûntjaen koe, sprekt foar de koöperaasje-geast fan 'e Heechmer boeren. Ut- en ynwindich kin it fabryk bisjen lije, en dat is to tankjen oan it goede bihear.

Ek brocht sprekker de bêste winsken oer fan de ôfdieling fan de Friesche Maatschappij van Landbouw. Hja stuolkje allegearre op 'e koöperative gedachte, dy't hja tadien binne.

De hear GERBRANDY

spriek út namme fan Jongereinorganisaesjes en fan it Chr. Boun fan Plattelânsfroulju to Heech.

De âld-direkteur, de hear U. DE VLAS,

seach tobek op it ôflein paed en helle mannich ding oan dat him út syn Heechmer tiid bybleaun wie.

*De hear S. Bruinsma,
dy't fan 1928 oant 1947
foarsitter wie*



De hear F. VAN DAM,

dy't mear as tsien jier it bihear oer de koöperaesje to Heech fierde, sei fêststelle to kinnen, as er sa it fabryk skôge, dat nei fyftich jier fan striid nou soun en geef yn it goud stie : „it kin lije”. It modern bidriuw en de balâns bylkje goed. As sprekker de greate seal oereaget mei de fleurige bisite dy't hjir op it gouden feest let en set wurdt, dan kin men mei rjocht en reden sizze : „Ja wier, it kin lije !” Sprekker tsjûge fan in goede neitins, dy't him oan Heech forboun. De forhâlding bistjûr en direkteur wie fan goed soarte, en dat is in fornaem ding. Ja, Heech leit my heech, sei sprekker.

It gie mei dizze koöperaesje yn de fyftich jier net stees oer sljochte wegen; nammerstomear strekt it ta blydskip, nou't de foriening der by dizze mylpeal sa soun en geef foarstiet.

De hear K. VISSER, âld-foarsitter,

dy't nou to Hilaerd wennet, forhelle ien en oar út it forline, doe't er fan 1925 oant 1928 de foarsittershammer hantearre. De died is oan 'e jongerein, dy't it wurk fuortsette moat. Sprekker die in birop op 'e jonge boeren, dy't de koöperative idé oernimme en trochjaen moatte. Dêrta moat de jongerein ré wêze, hwant in striidbre boerestân, dy't yn 't spier giet foar koöperaesje is in boarch foar de frijheit fan de boer

De foarsitter biandere de sprekkers stik foar stik en brocht harren tank foar de hertlike wurden en goede winsken.

It fleurige part fan 'e joun

roun troch de taspraken, hweryn men nêst de earnest ek faek de humor biharkje koe. Wis, de fleur wie der fan bigjin oant ein.

De bitsjinsters, oannimlik en redsum, sweven mei lichte trêd en linich hânbiweech om en bylâns de taffeltsjes, mei rynske hân bitsjinnen hja de gasten. Trije ploegen lammen, elke ploech mei eigen kleur, wylst de initialen „H.O.Z.” gjin twifel lieten yn hokker formidden men hjir to gast wie : it wie in lust foar it each.

It orkestke spile sjongsume lieten, dy't troch de seal tige meisongen waerden. En út en troch kaem it selskip Westra op 'e planken mei in programma fan toanielstikjes, foardrachten en lietsjes.

Foarôf joegen Jarich de Vries en K. Westra :

PETEAR TUSKEN GURBE EN GOUKE

by it gouden jubilé fan it Heechmer Búterfabryk „Hoop op Zegen”.

De tekst is skreaun fan S. J. v. d. Molen

Gouke : Jonge, Gurbe, hwat in minsken ! 't Fljocht en rydt mar oan en ta.

Gurbe : Ja, gjin boer woe fan 'e middei let de melkerij dien ha.

Gouke : Op nei Snits ta ! is it wachtwurd. Hwat in drokte en biweech !

Gurbe : Ja, goe-man, ik soe hast sizze : 't hiele gea rint omtrint leech.

Gouke : Dat is ek gjin wûnder, Gurbe : by it feest fan ús fabryk jowe alle koöperaesjeboeren fan har ynteresse blyk.

Gurbe : Net allinne leden binne 't, hiel ús krite docht hjoed mei. By dit gouden jubileum is 't foar ider feest sa'n dei.

Gouke : Krekt ! Wy soene Heech net kinne, sûnder 't koöperatyf fabryk mei syn skoarstien en gebouwen, kreas oan wetter en oan dyk.

Gurbe : Fyftich jierren Hoop op Zegen..... nou, de seine bleau net út, Nei de earste bernesykten gyng it spul mei gong foarút.

- Gouke : Bernesykten, ja, dy binne ús ek net bisparre bleaun,
Krekt út ein, wie 't nije skipke omtrint yn de reiden dreaun.....
- Gurbe : Ja, dat wie yn sawn, wol 'k leauwe. 't Heucht my as de
dei fan hjoed.
Mannich Heechmer koöperator hie doe mar in bytsje moed.
- Gouke : Direkteur hie yn de pûdtsjes hwat tofolle mólkjild dien,
Moat men soks werombitelje, 't sinnicht meastentiids net ien !
- Gurbe : Dat wie foar de spekelaesje trewes, hwant sa'n strop sprekt fier.
- Gouke : Mar doe koe men ek fornimme hwa't in goede koöperator wie !
- Gurbe : Krekt ! Hwant troch hár moed en leauwen oan ús doel, sa
moai en soun,
Krige elts ek wer bitrouwen en..... de slach fan Heech
waerd woun.
- Gouke : Och, hwat koe men hwat fortelle, oer de greate ledegroei,
oer masinen en gebouwen, oer de rike, folle bloei.
- Gurbe : Ja, 't idé fan koöperaesje sit der yn, by ider lid.
- Gouke (úndogensk) : Spitich, dat men foar de propaganda meast de
direkteur opdraeije lit.....
- Gurbe : Wis ! As alle boeren strieden foar 't bilang fan ús fabryk,
'k Leau, wy wiene oer in moanne oardelhûndert leden ryk.
- Gouke : Leden kinst genôch jit winne. Sjoch mar om dy hinne, man.
Nuvre boeren hat men somtiids. Ik bigryp gjin byt der fan.
Koöperatyf de gersboel droegje, mar de molke út hannen jaen
nei it spek'latyf fabryk ta... Sei, hwat tinkt dy fan sok dwaen?
- Gurbe : Moat ik dêr myn sin oer sizze ? Nou, dan binne wy der gau :
'k neam it dom, healwiis, healslachtich en sa bryk as d'Aldehou
- Gouke : Faeks, dat troch ús jubileum har de eagen iepengean
en hja allegear mei gauwens yn ús koöperaesje stean'.
- Gurbe : Lit ús 't dêr dan mar op hâlde. Mar, nou haw ik ek noch hwat,
dêr't ik, ear't wy fuortgean, elkes oer petearje moat.
Sneintomoarns presys acht úre — sa stiet yn it reglemint —
heart 't fabryk op 't slot to wêzen. Ider is dêr mei bikend,
Mar gjin boer dy't sa't it liket mei dy ôfspraak rekken hâldt.

- Gouke : 't Leit op Sneintomoarn sa noflik, 't is by 't winter skier en kâld.
- Gurbe : Wis, mar ien healûrke earder melke en it spul wie klear,
Direkteur hie mei syn folkje dan tonei gjin drokte mear.
- Gouke : Ik soe sizze, as ik dy wie, sei ik soks yn 't feestgebou,
Dêr komm' lichtwol minder praters as sa'n sprekker lyk as dou.
Eltsenien is dêrre fleurich, kin gerêst in priepke ha.
- Gurbe : Hast jit mear to sizzen, Gouke ?
- Gouke : Né, ik leau : 't kin sa wol ta.
- Gurbe : Sill' wy dan mar nei de bus ta? 't Feest bigjint dêr net sa let
En ik sjoch it wol : de earsten binn' wy sikerwier al net.
- Gouke : 't Lêste skip moat ek syn fracht ha. Mar hawar, wy sette ôf
nei it 50-jierrich jubileum yn it greate feestgebou.
- Gurbe : Hou ! Dêr sjit my hwat to binnen. 'k Ha hwat meinôm foar
't fabryk.
- Gouke : In kedo, in great medalje of in blom as huldeblyk ?
- Gurbe : Gjin kedo en ek gjin blommen, hwant dy krij' se by de rûs,
Né, ik haw in rymke makke. Haw it hjir leau'k yn 'e bûs.
Sjoch, dit woe 'k nou aensens sjonge. Lear dou it refrein nou
en dan dogge wy 't togearre: ien allinne falt hwat ôf. [gau
- Gouke : Sjong mar op, ik harkje ta. Sa'n refreintsje lear ik sa.
- Gurbe : (sjongt) : Ider doarpke hat in namme, hwant dat is men hjir
sa wend,
Akkrom, Weidum, Balk of Burgum binne rounom wol bikend.
Mar hwer't Heech syn namme wei hat, dêr ha'k lang en swier
oer bret,
Mar ik haw de frage oplost en it slimme riedsel ret :
- Refrain:* Hwant ús Heech draecht net forgees de namme Heech,
ek al is it lân der oeral like leech.
Eltse boer fan Heech sa dreech
hâldt syn koöperaasje heech.
Dêrom hjit it hjir mei rjocht en reden : Heech !
- Gouke : Moai hear, tige moai ! Marre..... hwat bidoelste der eigent-
lik mei ?



*Gurbe en Gouke
op it gouden feest*

Gurbe : Bigrypstou dat net ? Ik wol der mei sizze, dat de namme Heech foar Heech tige fan pas is.

Gouke : O.

Gurbe : O ? Moat ik it dy faeks útlizze ?

Gouke : Nou, as 't foar 't selde kin... Ik bin net sa'n man fan gedichten, sjoch.

Gurbe : Heech hjit Heech, mar it is der net heech. De groun leit hjir wihoe leech. Mar de boeren fan Heech hâlde de koöperasje heech. Nou, en sa'n plak hjit, tinkt my, mei eare : Heech.

Gouke : Steech en dreech ! Jow se 'n feech !

Gurbe : Hwa moat in feech hawwe ?

Gouke : Hwat tochtstou, dat ik gjin stikje makke hie ? Dat sil *ik* dy nou ris hearre litte :

Sjoch de spekelaesjehearen
dêr ris sitten op 'e wiuw,
Hear har fluensk en swietkes fluitsjen :
Boeren, kom by ús bidriuw.
Mar har propagandapraetsjes
oer de frijheit fan de boer
flappe *hjr* gjin inkeld ljipke :
Heech jowt har omraek pertûr !

Gouke en Gurbe slute mei it refrein : Hwant ús Heech ensfh.

SELSKIP WESTRA

fan Stiens op 'e planken mei toanielsketsen fan
Klaes Westra en lietsjes fan S. J. van der Molen

Meidoggers : Durkje, Froukje en Klaes Westra,
Jarich de Vries en oan de piano S. J. van der Molen.

1. In sankje en in praetsje (It hiele selskip)
2. Durkje en Froukje Westra sjonge :
„Hwat sin en wille“
„Sëmanssankje“
5. „Eigen skuld“, toanielskets yn ien bidriuw.
Persoanen : Jan, Jeltsje, Hinke en omke Halbe
4. Jarich de Vries sjongt libbenslietsjes fan Tetman
de Vries en S. J. van der Molen
„Gels“
„De griene hjerst“
5. „Gjin frommins oer de Ilier“. In klucht, spile
fan Klaes Westra en Jarich de Vries
6. „Hoe't Geale him der út rêdt“, toanielskets mei
as persoanen : Geale, Japke, Minke en Hinke
bôlrinster
7. As útsetter : „De Fryske cow-boy-sang“ (it hiele
selskip)

Tusken de bidriuwen troch fleurige muzyk fan in
orkestke ûnder lieding fan Eggy Westra

Sa forroun de foarste
bitinkingsjoun fan it
gouden jubileum fan
„Hoop op Zegen“,
en it wie net ier mear
mar wol Tongersdei,
doe't de foarsitter it
slútwurd spriek.

Hy sei :

„Sa binne wy dan
nou oan 'e ein komd
fan ús earste bitin-
kingsjoun. Ik bin fan
miening dat ik net
folle mear haw to
sizzen. Ik wol allin-
nich alle oanwêzigen
tank bringe foar har
opkomst en foar de
wize hwerop jimme
my de lieding maklik
makke hawwe, mar
boppedien al dyjin-
gen dy't yn wurd en
died meiwurke haw-
we dizze joun ta in
ûnforjitlike joun to
meitsjen. Ik wol de
hoop noch útsprekke

dat wy allegearre goed oertsjûge wêze meije fan de greate bitsjutting
fan ús Koöperaesje en sprek de hoop út dat God de Heare ús wurk
ek yn de takomst mei Syn ûnmisbre seine bikroanje mei. Hjirmei slút
ik dizze gearkomste“.

De glêdde weinen en de greate bussen rieden de lju nei de doarpen en
stêdden yn wide omkrite en nei de boerewenten, en allegearre sille noch
neirate oer it feest fan Heech, dat sa bûtenwenstich slagge en de
koöperaesjegeast sûnder mis bisterke hat.

De twadde feestjoun

Freedtojon, de 30ste fan Maertmoanne, waerd de twadde feestjon hâlden. Foarsitter Van der Meer koe op dizze jon personeel fan boer en fabryk wolkom hjitte, hwant dat men de gasten fan dizze jon net twaris hoegde to noegjen, koe men fan tinken wol ha en de folle seal mei in soad jongfolk liet it fansels net oan de rjochte fleur ûntbrekke.

De foarsitter iepene de jon mei de folgjende taspraek :

Heechachte feestgenoaten.

Ut namme fan it bistjûr hjit ik jimme hjirre op dizze twadde bitinkingsjon fan herte wolkom. It is ús ek in foldwaning, dat de leden fan ús personeel mei har froulju en ek forskate fan ús pensionnearden hjir yn sa 'n great oantal oanwêzich binne. Ik mei yn jimme opkomst in biwiis sjen fan de goede forhâldingen tusken de foriening mei de bihearder en it personeel, hwerfoar ik fan ús kant ek op dizze jon graech myn weardearring útsprek. It is gjin kleinichheit lyftich jier to arbeidzjen oan ien saek, en nou't wy dêrop werom sjen meije, tocht it bistjûr, dat it sûnder in feestlike bitinking net oan dizze mylpeal yn it bistan fan ús Koöperaasje foarby gean mocht.

Ik hjit hjir yn it earste plak fan herte wolkom, dyjingen yn ús midden dy't foar jierren tobek dêroan meiwurke ha. It fabrykspersoneel dat doe, forgelike by nou ûnder âlderwetske omstannichheden en mei breklik ark arbeidzje moast, mar nettsjinsteande dat noch kâns sjoen hat om produkten to meitsjen dy't op 'e wrâldmerk in goede namme krigen en mei dêrtroch is de saek „Hoop op Zegen” ta bloei kommen. Wy sizze jim tank fan dit plak ôf foar alles hwat jim dien hawwe yn it bilang fan de saek.

Mar net allinnich it personeel fan jierren tobek, ek hja, dy't nou arbeidzje, fan herte wolkom, hwant it koe net allinnich bliuwe by bigjinnen, mar it moast ek fuortset wurde en ik soe sizze, dat ek jimme mei net minder ambysje arbeidzje as dat de âlderen dat foar jimme dien hawwe om dat to folbringen. En ik wol de hoop útsprekke dat jim noch mannich jier mei plezier jim wurk fuortsette meije.

Nou rjochtsje ik my ta it personeel dat op 'e buorkerijen arbeidet. Ek jim hjit ik hjir fan herte wolkom, hwant sûnder jim stribjen en arbeidzjen kaem it net goed. As jimme it fé net goed forsoargen en der op pasten dat de molke skjien en op tiid oan it fabryk kaem, dan koe it personeel harren

der wol to war stelle, doch it soe neat jaen. Fan forkearde molke kin men gjin goede bûter en tsiis meitsje.

It is dan ek sa dat it fabryk in forlingstik is fan de buorkerij en dus moatte de minsken dy't dêr arbeidzje, elkoar yn 'e hân wurkje en dan kin it sa, as men meielkoar oparbeitet, in saek wurde fan greate bitsjutting, fan bloei en krêft.

Dan hjit ik hjir ek wolkom it boerejongfolk, en ik hoopje dat it sa wêze mei sa as it Frysk Folksliet seit :

Bliuw ivich fan dy grize hege stamme
In grien en krêftich bloeijend leat !

En dan bidoel ik dat sa : ús âlden en ek jimme foarâlden, hawwe troch har krêftich trochsetten bitoand dat, al wiene se fan âlder stamme, yn harren wie in krêftich libjen as fan in griene en bloeijende leat. Troch dy jonge krêften bisiele doarsten hja it oan om in foriening op to rjochtsjen en in Koöperaesje to stiftsjen, en al wie de wei soms net maklik en moasten der hiel hwat biswieren oerwoun wurde, hja joegen gjin krimp en setten troch en wy kinne der nou de fruchten fan ploaitsje. En nou sit it einliks sa, dat jim jimme op dat punt gelike fêsthâldend en mei deselde krêften bisiele witte meije. Sette jimme har wurk troch en tink der om dat it hjirre net giet as by in bernespul, as de iene in moai bouwurk makket en in oar sjocht dat en smyt dat ûnderste boppen. En nou is oan jimme de taek om net allinnich op to passen dat it net omskopt wurdt mar dat jimme altyd stiennen en blokken byfoegje sille ta opbou en bloei fan ús Koöperaesje „Hoop op Zegen“.

Sa binne jimme dan meielkoar ús deistige meiwurkers dy't har bêste krêften jowe om in saek to krijen dy't klinkt as in klok. Mar lykwols is der net in wein as hy stjit wolris efkes. Mar wy meije ús lokkich priizgje dat de forhâlding wurkjower-wurknimmer treflik yn oarder is. Dêrtroch meije wy fêststelle dat hjir bistiet in mienskiplik oparbeitzjen yn it bilang fan ús allegearre.

Lokkich in bidriuw dêr't men de sa needsaeklike arbeidsfrede en -freugde biwarret en net allinnich syn wurk docht omdat it moat, mar dêr't ek oanfield wurdt om it sa goed mooglik to dwaen yn it bilang fan de saek.

Heechachte oanwêzigen, hjirmei woe ik dizze bitinkingsjoun iepenje. Under de ynwachting fan des Heechsten Seine.



*De hear
Tjeerd van Netten,
mei it
moai koperen tinkboerd*

Ut namme fan it personeel fan it fabryk spriek de hear TJEERD VAN NETTEN, dy't ek op de goede geast fan it personeel ûnderinoar en op de treflike forhâlding mei direksje en bistjûr tsjutte. Sprekker brocht tank foar de gratifikaesje, dy't it personeel op de 7e Maert — de dei fan it jubileum — taskikt wie. As der ien fan it personeel jubilearre wie it wenst dat er in presintsje krige. En nou't it it fabryk sels oangie, woe it personeel net binester bliuwe. De hear Van Netten lange de foarsitter in moai koperen tinkboerd oer, hwerop yn 't midden it fabryk ôfbylde wie, wylst dêr omhinne de nammen fan harren dy't der by it fyftich-jierrich bistan arbeidzje, gravearre binne. De foarsitter wie mei dit presintsje tige fornoge en sei it in goed plakje op it kantoar ta.

De hear D. K. ZIJLSTRA hie, salang it fabryk bistie, der arbeide. Dat feit woe boargemaster TJABERINGS, dy't ek op dizze joun wer bywêzich wie, efkes bitinke. It die him deugd dat er dêrby in boadskip fan H.M. ús Keninginne oerbringe mocht, en de hear Zijlstra de earemedalje forboun oan 'e Oarder fan Oranje Nassau op it boarst spjeldzje koe. Dat stie der tige by en oan it hantsjeklappen kaem bynei gjin ein; wol in biwiis dat men dizze ûnderskieding fan herte gunde oan de man, dy't tagelyk mei it fabryk jubilearre en hwaens libbenspaed sa yngeand oan „Hoop op Zegen” forboun wie.

Der kamen noch mear foar it buordsje, it wiene de hearen G. HULZINGA, dy't spriek út namme fan de lju dy't mei pinsjoen wiene, YDE DE JONG fierde it wurd foar de molkriders, KLAES GERRITSMA, dy't forhelle fan hwat hja sa foar en nei bilibben ûnder noflik meiïnoar oparbeitzjen en REGNERUS YNTEMA, dy't út namme fan de lânarbeiders spriek.

*Bourjemaster
Tjabering's spjeldet
de hear D. K. Zijlstra
it earemetael
op it boarst*



It selskip Westra kaem ek dizze joun wer mei syn wurk foar it fuotljocht. It wie al healwei fjouweren doe't de foarsitter mei in wurd fan tank oan allegearre, dy't meiholpen hiene om ek dizze joun sa tige ta syn rjocht komme to litten, in streep sette ûnder de bitinking fan it gouden feest fan „Hoop op Zegen”.

SLUTWURD FAN 'E FOARSITTER.

Sa binne wy dan nou oan 'e ein kommen fan ús twadde bitinkingsjoun. Ik bin fan miening dat ik net folle mear haw to sizzen.

Ik wol allinnich alle oanwêzigen tank bringe foar har opkomst en foar de menear hwerop jimme de lieding maklik makke hawwe. Mar boppedien harren dy't yn wurd en died meiwurke hawwe dizze joun ta in ûnforjitlike joun to meitsjen.

In bisûnder wurd fan tank oan de dames M. de Vries-Miedema en T. Sybrandy, dy't beide safolle fan har frije tiid jaen woene by it rémeitsjen fan 'e nije Fryske klæijinge foar ús bitsjinsters. It wolslagjen fan ús beide feestjounen is foar in net-ûnbilangryk part oan harren bilangeleaze meiwurking to tankjen. Ek in bisûnder wurd fan tank foar ús bitsjinsters dy't twa drokke jounen efter de rêch hawwe. Wy en de gasten fan ús feestjounen binne bûtengewoan oer jimme wurk tofreden. Selskip Westra, ek fan herte tank foar it wurk dat jimme levere hawwe.

Fierders wol ik de hoop noch útsprekke dat wy allegearre goed oertsjûge wêze meie fan de greate bitsjutting fan ús Koöperaesje en ik hoopje dat God de Heare ús wurk ek yn de takomst elk op syn plak mei Syn seine bikroanje mei.



*Trije ploegen fammen
dy 't de gasten
letten en setten*



Redaksje: T. Bijlsma, De Jouwer

**Printer: Ver. Jouster Drukkerijen N.V.,
De Jouwer**

Foto's: Fotobureau Boonstra, Ljouwert

Cliché's: Kunstynrjochting Bruyn, Swol

